

FRYSLÂN

nieuwsblad voor geschiedenis en cultuur



FRYSLÂN

Nieuwsblad voor geschiedenis en cultuur

9e jaargang nr. 3, oktober 2003

Fryslân is een uitgave van het Koninklijk Fries Genootschap voor Geschiedenis en Cultuur/Koninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer. Het verschijnt vier keer per jaar en wordt toegezonden aan de leden van het Fries Genootschap/Frysk Genoatskip
www.friesgenootschap.nl

Hoofdredacteur:
Meindert Schroor

Redactie:
Martha Kist
Evert Kramer
Hans Mol
Harm Nijboer
Redactiesecr.
Klazien Schroor-Dijkstra

Aan dit nummer werkten mee:
Gosse Blom
Philippus Breuker
Tony Feitsma
Bernhard van Haersma Buma
Leo van der Laan

Kopij zenden aan:
Fryslân, Postbus 6091,
8902 HB Leeuwarden/Ljouwert.
Telefoon: 058-2665309
E-mail: varenius@planet.nl

Ledenadministratie:
Fries Genootschap
Turfmarkt 11, 8911 KS Leeuwarden
Telefoon 058-2123001 (Alleen telefonisch bereikbaar op woensdagmorgen tussen 09.00 en 12.00, Hilda Dekkinga).
E-mail:
fries.genootschap@friesmuseum.nl

Ontwerp omslag: Mlinar Design
Lay-out: Klazien Schroor-Dijkstra
Druk: Grafisch Bedrijf Hellinga,
Leeuwarden

Het Koninklijk Fries Genootschap voor Geschiedenis en Cultuur/Koninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer, opgericht 26 september 1827, met als Beschermvrouwe H.M. de Koningin, heeft als doel het onderzoek naar en het vergroten van de kennis omtrent al hetgeen de geschiedenis, oudheid- en taalkunde van Fryslân betreft.
U kunt zich verzekeren van regelmatige toezending van *Fryslân* door lid te worden van het Koninklijk Fries Genootschap voor Geschiedenis en Cultuur/Koninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer. Gebruik daartoe de bijgevoegde antwoordkaart.

Losse nummers: € 3,75

ISSN: 1383-6560

Van de redactie

Veel aandacht ditmaal voor kloosters en de middeleeuwen en wat daarvan in het landschap is terug te vinden. Meindert Schroor en Leo van der Laan nemen een monumentale boerderij (Hegedyk 55) onder Wytgaard op de korrel. De kwaliteiten en bijzondere voorgeschiedenis van deze tot dusverre enigszins verscholen 'pleats', die zonder meer de oudste nog bestaande boerderij in de gemeente Leeuwarden is, kwamen tijdens de onlangs gehouden Open Monumentendag aan het licht.

De boerderij blijkt het - verplaatste - fysieke restant van de oude kloosteruithof Skierhûs van de Cisterciënzer abdij Bloemkamp.

Hans Mol gaat aan de hand van een fundamentele bijdrage in op de veel bekendere - overigens nabijgelegen - uithof Barrahus. Hij schetst het uithovenstelsel en de relatie daarvan met het laat-middeleeuwse landschap. Daarbij corrigeert hij een aantal misvattingen over Barrahus van de bekende 16^{de}-eeuwer Jancko Douwama en plaatst deze, naast verschillende overigens wel degelijk juiste opvattingen van deze 'Boarnster haadling' in de politieke en maatschappelijke context van zijn tijd.

Mol neemt ons voorts mee naar het 16^{de}-eeuwse Dokkum, waar abt Hendrik Kessel van het Sint-Bonifatiusklooster een - zo te zien - hopeloze strijd voerde tegen de overlast die sportieve Dokkumers zijn klooster met hun balspelen (kaatsen en kolven) bezorgden. Om bij de sport te blijven. Gosse Blom gaat in op de oorsprong van de Sneker hardzeildag en de daarmee samenhangende zeilfestijnen, waarvan de wortels teruggaan tot de tweede helft van de 18de eeuw. Zeilliefhebbers vinden nog meer van hun gading in een bijdrage over de Staverse jol, een scheepstype waaraan het Fries Scheepvaartmuseum - ook in Sneek - een expositie wijdt. Bernhard van Haersma Buma - ooit in Sneek - schetst een beeld van driekwart eeuw verenigde (hervormde) kerkvoogden. Dat doet hij op een tijdstip, waarop hervormd, gereformeerd en luthers druk bezig zijn hun weg samen te vervolgen in de Protestantse Kerk in Nederland. De Gysbert Japixkenners bij uitstek Tony Feitsma en Philippus Breuker kruisen de degen over deze 17^{de}-eeuwse Friese dichter, naar aanleiding van de in de vorige *Fryslân* gepubliceerde herdenkingsrede die Breuker in mei jongstleden, ter gelegenheid van de 400^{ste} geboortedag van Gysbert te Bolsward heeft gehouden.

(*By de eiferside*):

*Yn in oarkonde út 1488 wurdt ferwiisd nei in 'meckbrief'
dy't opmakke is tusken Rienck Pieters Camstra en Gerlant
fan Hoxwier 'to Barrahus inder capelle' (Tresoar, Ljouwert)*

In dit nummer:

Van de redactie	2
Nij Skierhûs: De oudste boerderij van Leeuwarden	3
Halbertsmaprijs voor Johan Frieswijk	5
Barrahus en it Burgumer kleaster	6
75 jaar Afdeling Friesland van de Vereniging van Kerkvoogdijen	13
De âlde en moderne Snitser hurdsyldei	18
Keatse en kolvjen yn Dokkum om 1560 hinne	21
In alternative fizio op Gysbert Japix	24
Feitsma fan replyk tsjinne oer Gysbert Japix	27
Ynboek	28
De Staverse jol centraal in Fries Scheepvaart Museum	30
Agenda	32

Nij Skierhûs: De oudste boerderij van Leeuwarden

Meindert Schroor & Leo van der Laan

Het gebouw was door zijn afzijdige ligging jarenlang aan de aandacht ontsnapt totdat Jan Mulder er in 1988 in zijn *Boerderijen rond Leeuwarden* op wees: de oudste boerderij van de gemeente Leeuwarden. Daarna raakte hij weer in de vergetelheid. Dat veranderde op de onlangs gehouden (inmiddels 17de) Open Monumentendag. De pleats Hegedyk 55 te Wytgaard, eigendom van de familie W. Jongbloed, was een van de veertien boerderijen die in het kader van dit evenement voor het publiek waren te bezichtigen. De bezoekers vergaapten zich aan dit bijzondere object en de fraaie omringende 'hûf' met oude fruitbomen. Om historische én architectonische redenen is het een van de meest interessante boerderijen op het grondgebied van de gemeente Leeuwarden.

Oud- en Nieuwland

De geschiedenis van de 'pleats' gaat naar alle waarschijnlijkheid terug tot het midden van de 16de eeuw. Wie na het passeren van de buurt Baardburen onder Wytgaard de eerste 'reed' links inrijdt, passeert na 200 meter links een onbebouwde terp. Het is de terp van Skierhûs, een van de vele middeleeuwse kloosteruithoven of grangiae in Friesland. Minder bekend dan het drie kilometer noordelijker gelegen Barrahûs - waarop Hans Mol elders in dit nummer uitgebreid ingaat - was Skierhûs één van de uithoven van de Cisterciënzer abdij Bloemkamp of Oldeklooster te Hartwerd bij Bolsward. De toevoeging 'schier' werd naar alle waarschijnlijkheid afgeleid van de grijze of schiere pijen van de Cisterciënzers. Over Skierhûs is zoals gezegd veel minder bekend dan over Barrahûs. Toch bezat ook Oldeklooster onder hetzelfde Wirdum een bezitscomplex dat zich zowel op het Oudland als op het Nieuwland uitstrekte. We vinden het in de floreenkohieren van Leeuwarderadeel vanaf 1700 terug onder de nummers Wirdum FC 104/105 en 68. In 1511 was Oldeklooster eigenaar van 192 pondemaat bouwland, wei- en hooiland bij Wirdum, dat in twee gebruikerseenheden was verdeeld. Het kleinste complex lag op de grens van Wirdum en Swichum aan het Ald Djip op de plaats van de huidige *Pleats 1812*. (Wirdum FC 7) De aankomsttitel van dit bedrijf maakt duidelijk dat het door abt Dodo Feitama van Oldeklooster in 1435 werd aangekocht van de Frienser pastoor Wibrandus. In 1511 was Wybren Folperdts zoen hier de klooster-



De voorgevel vanuit het zuiden gefotografeerd, rechts de uitgebouwde melkkelder

meier voor een jaarlijkse huurwaarde van 10 florenen of goudguldens. De herkomst van Skierhûs is onbekend, maar het lijkt aannemelijk dat Oldeklooster dit complex met het oog op de aanwasrechten in de Middelsee in de 13de eeuw moet hebben verworven. Het geheel strekte zich uit van de Wirdumervaart in het zuidoosten (niet ver ten westen van de spoorlijn en het tankstation Mandelân) tot aan de Zwette ten westen van de Lytse Weiwske, een afstand van ruim 2¹/₂ kilometer. Het 165 pondemaat (waarvan vijf pondemaat bouwland) grote complex werd in 1511 door Taerdt Hettama (1540: Folkert Aytta) in zijn

geheel van het klooster gepacht. De conversen of lekebroeders die het bedrijf ooit 'runden', zullen de uithof al ongeveer een eeuw eerder hebben verlaten. Volgens de annalen van Bloemkamp stierf ten tijde van abt Dodo (1413-1444) een groot aantal conversen, zonder dat hij hun plaatsen door het aannemen van nieuwe conversen wilde opvullen.

Hergebruikt sloopmateriaal

In 1573 was het complex inmiddels in twee gebruikseenheden opgedeeld, een situatie die na de vervreemding van de kloostergoederen door de Staten van Friesland in 1580 bleef bestaan. Volgens de kloosterrekening van 1606/1607 bestond het geheel uit twee nagenoeg even grote 'pleatsen': van 84 resp. 82 pondemaat. Het kleinste bedrijf werd toen door de kloostormeier Feycke Sickesz verpacht, waarbij ruim de helft van zijn landerijen (47¹/₂ pondemaat) op het 'nijland' lag. Sickesz boerderij was het eigenlijke Skierhûs. Het is niet onaannemelijk dat de oude kloosteruithof bij de split-



De ramen in de zuidgevel van het voorhuis hebben ook verschillende malen veranderingen ondergaan.

sing, die tussen 1540 en 1573 moet plaats hebben gehad (gedeeltelijk) was ontmanteld. Het lijkt aannemelijk dat het gebouw van de oude uithof is verkleind door gedeeltelijke afbraak. Een deel van het vrijgekomen sloopmateriaal zal vervolgens zijn gebruikt voor de bouw van de tweede boerderij, die blijkens de kloosterrekening in 1606 door Hebbe Saeckes weduwe werd gepacht. De weduwe pachtte dus een betrekkelijk nieuwe boerderij, waarvan de landerijen vrijwel geheel op het oudland lagen. Het huidige, uit kloostermoppen opgetrokken voorhuis van Hegedyk 55 is dan het belangrijkste restant van deze in het derde kwart van de 16de eeuw gebouwde 'pleats'. Behalve het voorhuis bestaan ook delen van het muurwerk van de hals

en de uitgebouwde melkkelder nog uit kloostermoppen. Na de verkoop van de kloostergoederen in de jaren 1638-1644 kwamen beide boerderijen in particuliere handen. Hegedyk 55 - waarvoor ons de naam 'Nij Skierhûs' toepasselijk lijkt - was in 1698 (Wirdum FC 68) voor tweederde deel het eigendom van de bekende Franeker jurist en bibliothecaris Tobias Guthberleth jr. (1675-1703). Van het oude en eigenlijke Skierhûs waren de zate (Wirdum FC 105) en de landerijen (Wirdum FC 104) weliswaar qua floreennummer en eigenaar gescheiden, maar ze hadden beide dezelfde pachter, Ate Reijners weduwe. Deze 'pleats' is in 1932 gesloopt, waarbij de aan het begin genoemde terp onbebouwd achter bleef.



Het metselwerk is een mengeling van kruisverband en staand verband


Uitgebouwde melkkelder

De ontstaansgeschiedenis, de hoge leeftijd van het voorhuis en het materiaalgebruik maken Nij Skierhûs zeker tot een bijzonder agrarisch complex. De overige karakteristieken vertellen het historische verhaal van een ontwikkeling in fasen. De boerderij heeft tegenwoordig weliswaar de opzet van een kop-hals-romp type, diverse aanwijzingen maken het aannemelijk dat we hier in aanleg met een oud Fries langhuis van doen hebben. Daarvan werd overigens het laatste gave exemplaar in de gemeente Leeuwarden (Snakkerburen) in 1976 afgebroken. Het voorhuis is georiënteerd op het zuidoosten en heeft een tamelijk steil zadeldak tussen topgevels. De voorgeveltop heeft een 'aflijsting' in de vorm van beitelingen (vlechtingen) gekregen en wordt bekroond door een jongere schoorsteen met een bord, evenals op de westelijke geveltop. Op het voorhuis volgt een hals met een nauwelijks minder steile dakhelling. Een gedeelte van het zuidelijke muurwerk van de hals bestaat eveneens nog uit kloostermoppen. Oorspronkelijk bereikte men vanuit het voorhuis rechtstreeks de stal in de schuur, maar toen de boerderij door een verbouwing, vermoedelijk aan het begin van de negentiende eeuw, een kop-hals-romp karakter kreeg, is de hals aan de noordkant voorzien van een gang onder een aankapping met een flauwe helling. De schuur is niet zo oud als het voorhuis en de hals, maar dateert in de kern toch nog altijd uit de zeventiende of achttiende eeuw. Die ouderdom blijkt uit de 'op sprang' gebouwde stijlen, die naar boven enigszins naar elkaar toe hellen opdat ze meer weerstand tegen de kracht van de wind kunnen bieden dan loodrechte stijlen. In de vroege negentiende eeuw is de schuur vernieuwd met handhaving van de gebintconstructie. Die werd voor alle zekerheid wel 'verstijfd' door boven de bestaande dekbalken een tweede reeks dekbalken in de gebinten aan te brengen, een versteviging die vermoedelijk mede te maken had met het inwisselen van de oorspronkelijke, vrij lichte rietdekking door zware oranje Hollandse golfpannen. Al met al kreeg de schuur door de verbouwing een negentiende-eeuws uiterlijk. Een van de meest opvallende onderdelen van de boerderij is de uitgebouwde melkkelder onder een laag schilddak. Deze is haaks op het voorhuis geplaatst

aan de (relatief koele) noordoostzijde. De buitenmuren bestaan eveneens nog deels uit kloostermoppen. Dat het muurwerk nu grotendeels is gemetseld van een kleiner formaat (jongere) baksteen, is toe te schrijven aan een modernisering, een vergroting of ingreep wegens bouwvalligheid. De melkkelder heeft de gebruikelijke liggende muuropeningen met luiken en ijzeren tralies. Binnen ligt een plavuizenvloer.

Verdwenen kloostervensters

De bijzondere ontstaans- en ontwikkelingsgeschiedenis van de 'pleats' betekenen geenszins dat het een uitgemakte zaak is dat het complex de status van rijksmonument kan krijgen, zoals door sommigen al is geopperd. Niet onbelangrijk in dit verband is dat nog niet erg lang geleden de vensters in de voorgevel zijn vervangen. Ongetwijfeld met de beste bedoelingen, ter verhoging van het woongerief, maar uit oude foto's blijkt dat er tot dat moment waardevolle, want zeldzame kloostervensters aanwezig waren. Dat is een staande venstervorm van twee openingen boven elkaar, de onderste voorzien van een luik en de bovenste van glasruitjes. Het type werd gebruikt vanaf de middeleeuwen tot aan het einde van de zeventiende en het begin van de achttiende eeuw, toen Engelse schuifvensters met kleine roeden in zwang kwamen. Het verwijderen van de kloosterkozijnen valt zonder twijfel als een groot verlies aan



Goed zichtbaar terprestant van Skierhûs, naar het noordwesten gefotografeerd met op de achtergrond Baardbuorren. De kloosteruithof stond op deze plek (foto's: Klazien Schroor)


te merken. Overigens zijn ook alle andere historische vensters gemoderniseerd en ontdaan van hun roedevertelingen, waardoor de gaafheid van het historische beeld in aanzienlijke mate is aangetast. Niettemin vormt het Nij Skierhûs samen met de hûf met vruchtbomen een fraai agrarisch ensemble, een herinnering aan zowel de oude Friese boerderijbouw als aan de grote invloed die de kloosters in de late middeleeuwen in de Friese kleistreken uitoefenden. Of het complex tot het walhalla van de rijksmonumentenlijst wordt toegelaten, moet nog

worden gezien. Een nader onderzoek kan daarvoor wellicht de bouwstenen aanreiken.

Literatuur:

Sjoerd Cuperus, J.A. Mulder e.a. (red.), *Tusken Piskhoarne en Lape, een boerderij-historische verkenning van Leeuwarden tot Wytgaard* (Leeuwarden, Open Monumentendag 13 september 2003)
Jan Mulder, *Boerderijen rond Leeuwarden* (Leeuwarden, 1988)

Leo van der Laan is ambtenaar Monumentenzorg bij de gemeente Leeuwarden



Halbertsmaprijs voor Johan Frieswijk

Gedeputeerde Staten van Fryslân hebben de dr Joost Halbertsmaprijs 2003 toegekend aan Johan Frieswijk voor zijn gehele oeuvre. De Halbertsmaprijs wordt om de drie jaar toegekend en is bedoeld voor wetenschappelijk werk over Fryslân op het gebied van geschiedenis, taal- en literatuurwetenschap en sociale wetenschappen. De prijs kan worden toegekend voor een werk maar ook voor een heel oeuvre. De prijs bestaat uit een geldbedrag van 4000 euro. De uitreiking van de prijs vindt plaats op donderdag 23 oktober 2003 in Grou.

Jouke Arend (Johan) Frieswijk (1943) heeft in meer dan 37 jaar een uitzonderlijk groot oeuvre van wetenschappelijke publicaties van meer dan 3500 bladzijden over Fryslân en zijn inwoners opgebouwd. Hij heeft veel onderzoek gedaan op het gebied van het socialisme en de arbeidersbeweging in Fryslân, een hoofdthema in zijn publicaties.

Johan Frieswijk is als wetenschappelijk medewerker verbonden aan de Fryske Akademy te Leeuwarden. Hij heeft jarenlang deel uitgemaakt van de redactie van *Fryslân* en is bestuurslid van het Fries Genootschap. Johan van harte!

Barrahûs en it Burgumer kleaster

Hans Mol

Wa't de âlde besiztslisten fan Fryslân trochnimt, te begjinnen mei it bekende Register fan de Oanbring fan 1511, stjit fuort by it earste doarp, Wurdum, fan de earste gritenij, Ljouwerteradiel, op in enoarm kleasterlik besitzkompleks. It omfieme net minder as 436 pûnsmiet of 160 hektare fruchtber klaailân fan it by Burgum lizzende Burgumer kleaster of Barrakonvint. Sa op it each wurdt jin al gau dúdlik dat dat lân by Barrahûs lei, westlik fan it grutte ferkearsknooppunt Werpsterhoeke. Barraconvent en Barrahûs: it binne yntrigearjende nammen dy't de fraach oproppe wat it ferbân tusken beide wêze kin.

Wy binne oars net de earsten dy't har ynteressearje foar de relaasje tusken hûs en konvint. De bekende Fryske frijheidsstrider Jancko Douwama gie ús al foar yn it begjin fan de sechtjinde ieu. Yn syn apologetyske kronyk *Het Boeck der Partijen* skriuwt er dat it Burgumer kleaster oarspronklik by Barrahûs fêstige west hat.¹ It soe op 'e grins tusken Eastergoa en Westergoa troch beide lannen stichte west hawwe om as gearkomstesintrum en ek as bewarplak foar al har oarkonden, brieven en oar argyf materiaal te tsjinjen. De goën of lânsgemeenten hiene dus sels it inisjatyf ta oprjochting nommen. Sels har nammen – Douwama neamt Eastergoa *Oestbergen* en Westergoa *Westbergen* – wiene neffens him oan de lizzing fan it nije kleaster ûntliend: Eastergoa wie de goa eastlik fan it

kleaster Burgum en Westergoa dy oan 'e westkant! Mar om't de kleasterlju mear kosten as baten fan al dy gearkomsten fan de beide lânsgemeenten hiene, namen se al rillegau it beslút har konvint nei de Wâlden te ferpleatsen. De namme Burgum soene sy dan dêrhinne meinommen hawwe. It *Bergera huse* fan Barrahûs wie dus yn de fyzje fan Douwama net ôflaat fan Burgum. Nee, Burgum soe krekt oarsom ôflaat west hawwe fan *Bergera huse*! De kronykskriuwer hie it ferhaal nedich om it ûntstean te ferklearjen fan de partijskippen yn Fryslân, dêr't er sels úteinliks ek slachtoffer fan wurde soe. Ien fan de oarsaken fan alle ellinde soe nammentlik west hawwe dat de Fryske lannen sa faak tsjin elkoar striden. Om't Douwama alles út syn ûnthâld opscreaun hat, yn it kasteel fan Vilvoorde


by Mechelen yn Brabant dêr't er yn de tweintiger jierren fan de sechtjinde ieu finzen siet, mei wol oannommen wurde, dat it om in algemien gongber ferhaal gie. Boarnen wurde lykwols net neamd. Wy kinne ús de fraach stelle oft Douwama syn ferhaal wol kloppet, en sa net, wêrom't Barrahûs dan al sa'n sintraal plak yn it gehiel fan it Burgumer besit ynnaam.

Dûbelkleaster mei sielsoarchfunksje, ûntstien yn Burgum

Nammekundich leit de ferklearring fan Douwama yn alle gefallen net foar de hân. De namme *Barrahûs* of *Bergera huse*, sa't it yn de âldste stikken foarkomt, is like trochsichtich as dy fan it *Berra feen* of *Bergera feen* noard fan it Burgumer kleaster. It gie om in hûs en om fean fan (it kleaster) Burgum. It eigenskipswurd ferwiist nei in oar plak, dat dus net yn it noardwesten fan it Wurdumer doarpsgebiet lein hawwe kin. Mar wurdt dat ek befêstige troch de histoaryske gegevens?² Dêrfoar moatte wy earst it lytse tal berjochten oer de âldste skiednis fan it kleaster neilûke. Safolle is wis dat it kleaster net earder as fuort nei 1234 yn de boarnen ferskynt. Wy lêze dan oer in



De buorskip Barrahûs (linksûnder) en omjouwing, ynklemd tusken it spoar fan Ljouwert nei It Hearrenfean en de A 32. Justjes rjochts fan it midden leit it terprestant van Techum. Yn de fjirte de stêd Ljouwert (foto: Tom Sandtjick)



Barrahûs en omkriten op in âlde loftfoto út 1927. Rjochtsmidden it Âlddijp

proast fan Burgum yn in wetstekst. Dêrút is op te meitsjen dat it kleaster net laat waard troch in abt mar troch in oerste fan legere rang (Latyn: *prepositus*) dy't wol selsstannich lieding útoefenje koe mar dochs it tafersjoch fan de abt fan in oar (memme)kleaster tastean moast. Yn dit gefal wie dat de abt fan Ludingakerke of Lúntsjerk by Harns, dy't op syn bar oant 1429 ta de abt fan Kloosterrade of Rolduc by Kerkrade yn Súd-Limburg as syn direkte oerste te erkennen hie. Burgum hearde dêrom, lykas it Haskerkonvint en Kleaster Anjum by Rie, fan it begjin ôf ta de lytse kongregaasje fan de reguliere kanunniken fan Kloosterrade. Hâlde wy rekken mei de ôfhinklikens fan Lúntsjerk, dan kinne wy konkludearje dat Burgum net earder as yn 1158, it stichtingsjier fan dy abdij, oprjochte wêst hawwe kin. Ek Haskerkonvint en

Kleaster Anjum wiene oant it begjin fan de fyftjinde ieu proasdijen ûnder Lúntsjerk. De earstneamde ûntstie yn 1232, de twadde yn 1256. Om't Burgum úteinliks folle mear besit hie as dy beide oare kleasters út de famylje fan Lúntsjerk, en om't de âldste kleasters oer it generaal de measte hektares ta har foldwaan krigen, hat it eigenskip dat Burgum earder ta stân kommen is as Haskerkonvint en Kleaster Anjum, dus tusken 1158 en 1231. Wy slane de plank wol net fier mis as wy fan in stifting om 1200 hinne útgeane. Dat soe ek strike mei it gegeven dat it kleaster oan Sint Nikolaas wijd wie. Dy hillige wurdt nammentlik earder by let as by ier stifte tsjerken en kleasters oantroffen. It wie eins net earder as sûnt de massale dielname fan de Friezen oan de krústochten – fan 1189 ôf – dat se in spesjale ferearing foar de hillige

Nikolaas opfetten. Der kin betizing bestean oer it karakter fan it kleaster Burgum. Wie it no in manljus- of in frouljuskleaster? Yn 1395 wurdt praat fan *die paters van Berge* wylst yn in oarkonde fan 1399 meidiel wurdt dat Burgum in proast mei in mienskip fan nonnen en konversen (*prepositus ac conventus monialium ... ac conversi*) ûnderkommen bea. Dy gegevens hoege elkoar lykwols net tsjin te sprekken want efkes fierderop yn de akte fan 1399 giet it om 'nonnen en persoanen fan beide seksen' en om 'bruorren en susters fan itselde kleaster'. Dat wiist op in dûbelkleaster mei yn alle gefallen in mienskip fan koarnonnen, konversen en paters. Dy lêsten wiene dan aktyf yn de sielsoarch. Dat docht bliken út in stik fan 1328 dêr't yn fêstlein is dat de proast en it konvint fan Burgum it ynstitúsjerjocht oer njoggen bynamme neamde parochytsjerken útoefenje meie sa lang as it libben fan de sittende proast. It is hjir net it plak om wiidweidich op de bysûnderheden fan dat ynstitúsjerjocht yn te gean, mar safolle is wol dúdlik dat wêr't in kleaster ynstitúsjerjochten hie, it ek de presintaasje oftewol de beneaming fan de pastoar foar syn rekken nimme mocht. It kleaster Burgum koe dêrom yn 1328 yn de njoggen neamde plakken in sielsoarger út syn eigen rûnte fan paters/koarhearen oanstelle. Trije fan dy njoggen doarpen binne net fuort thús te bringen, mar oer de oare seis bestiet gjin twifel. It giet om Burgum sels, Grou, Warten, Suwâld, Tytsjerk en Eastermar. Dat binne wichtige doarpen yn Tytsjerksteradiel en Idaarderadiel. Se leine min ofte mear yn in sirkel om Burgum hinne. En dat is in oanwizing dat Burgum sels fan it begjin oan it fêstigingsplak fan it kleaster west hat. Ommers sok tsjerkebesit en sokke rjochten op parochytsjerken hearden ta de âldste fermogensparten fan geastlike ynstellings. Faak foarme de oerdracht fan in parochytsjerke troch de biskop of in tal parochianen de basis foar it ûnstean fan in kleaster. Lykas út de *Vitae Abbatum Orti Sancte Marie* bliken docht, koe bygelyks Mariëngaarde net earder útein sette as doe't de mienskip de ynkomen fan de Hallumer Sint-Maartenstsjerke krige, en waard Buwekleaster net earder stifte as nei de dotaasje mei de nije tsjerke fan de Harkema. Soe Burgum earst ûnder Wurdum lein hawwe, dan hiene wy de paters earder as pastoars yn it Sudertrimdiel ferwachte as yn

Tytsjerksteradiel en Idaarderadiel. Mar sy hiene hielendal gjin rjochten op tsjerken yn Ljouwerteradiel. Sels Wur-dum en Goutum binne nea troch in pater fan it Burgumer kleaster betsjinne. Al mei al moat dat reden genôch wêze om de útlis fan Jancko Douwama foar-eerst oan de kant te skowen. Barrahus hat nea it earste fêstigingsplak fan it Burgumer kleaster west.

Gearkomsteplak en agrarysk eksploitaasjesintrum

Mar wêrom hie it kleaster dêre dan sa'n soad besit krigen? En wat hat dan wol de funksje fan it Burgumer hûs west? Litte wy alderearst fêststelle dat it in weardefol bouwurk west hat, want yn in oarkonde fan 1348 yn it earste diel fan Schwartzenberg syn Charterboek wurdt it it *Bergera stenhuse*, in stins dus, neamd. Apart fan tsjerken en iere adellike stinzen waarden huzen doe yn Fryslân amper noch yn stien boud. De oarkonde fan 1348 jout nammers noch mear nijsgjirrige ynformaasje. De tekst behannelet nammentlik in oanbod fan de Friezen fan Eastergoa om in bestân fan tweintich jier mei de greve fan Hollân te sluten. Dat dat oanbod yn Barrahus ta stan kommen is, lit sjen dat dêre in mienskiplike gearkomste hâlden is fan de prelaten, grytmannen, rjochters en it hiele lân fan Eastergoa. Worp van Thabor meldt yn boek IV, side 2, dat yn Barrahus alle jierren de lândagen fan Eastergoa hâlden en dêre ek har rjochters keazen waarden, krektlyk as dat foar Westergoa yn Hartwert barde. Dat wurdt befêstige troch in Âldfryske akte fan 1480, dêr't in beslút yn nommen wurdt dat de lândei fan Eastergoa ek yn de takomst geregeld gearkomme moat to *Barrahuus to Wirdum*. Yn 1492 waard Barrahus neffens Petrus van Thabor sels brûkt foar in mienskiplike gearkomste fan Eastergoa en Westergoa. It kreative plak fan dat âldste Barrahus is by myn witten argeologysk noait fêststeld. Op 'e kaart fan Eekhoff stiet it yntekene op in lyts terpke oan de eastkant fan de Oeriselske Strjitwei, noardlik fan Werpsterhoeke, boppe it plak dêr't de Swichumer dyk op dy Strjitwei oanslút, wylst oan 'e westkant de pleats 'Oud Barrahuis,' en súdlik de pleats 'Nieuw Barrahuis' oanjûn stiet. En dat is ek dêr't Schotanus-Halma it Barrahus oanjout. My tinkt dat dy lokalisaasje fan Eekhoff goed wêze kin, al bestiet altyd noch de mooglikheid dat it oarspronklike úthofkompleks op de wat

gruttere, yntusken ôfgroeven terp, in pear hûndert meter nei it easten lein hat. In lyts argeologysk ûndersyk mei in proefsleuf yn in ferhege restant dêre levere in 1986 gjin fynsten of grûnspoaren fan belang op. De stien-nen fan it âlde muontsehûs binne nei alle gedachten nei de ôfbraak allegear brûkt foar de nije hierpleatsen dy't yn de omkriten, benammen ek op it Nijlân, yn de sechtjinde en santjinde ieu oplutsen waarden. Sjocht men no nei de lizzing yn in grutter geografysk ramt, dan liket de kar foar Barrahus as gearkomstesintrum tige logysk. It lei betreklik sintraal op neutraal terrein, binnen de immunititeit of it eigen fredegebiet fan in kleaster, en net yn in stêd. It wie oer de klaai goed te berikken foar de noardlike gritenijen fan Eastergoa en koe ek fanút de súdlike wâldgritenijen mei it skip wol bereizige wurde. En ek de fertsjintwurdigers fan Westergoa koene der maklik komme.



Paternosterstring of roazekrâns fan ivoar út likernoch 1350 en ôfkomstich út Burgum. De kop is in Januskop, mei lofts in jonkfrou en rjochts in deadskop, symboal fan de fergonklikens fan it libben (Fries Museum, Ljouwert)


ferwiist nei de *monachus conversus*, de konvers-muonts of likebroer dy't wol ta de kleastermienskip hearde mar net oan it koargebet dielnaam. Sokke likebroarren, dy't yn de folksmûle ek muontsen neamd waarden (tink mar oan de skiere muontsen of Cistersiënzer likebroarren) koene op it mêd fan de godstsjinst folsteane mei alle dagen in tal paternosters te bidden. Sy namen it wurk op it lân en de organisaasje dêrfan foar har rekken en koene dus ek op de bûtenbesittings fan it kleaster ferbliuw hâlde. Op de grutste fan dy úthoven waarden wol lytse kapellen boud mei it each op de heilsfoarsjenning fan de konversen dêre. Dat wie ek by Barrahus if gefal: yn 1488 waard in âldfryske oarkonde opmakke *toe Barrehuus in der capelle* (sjoch êfterside omslach). Wat dat oanbelanget kin it net oars oft it hat ien fan de wichtigste muontsehuizen fan it Burgumer kleaster west.



Dus wat Jancko Douwama oer de gearkomstefunksje foar beide lannen meidielt hat, kloppet wier wol, mar dan foar syn eigen tiid. Dochs hiene de kleasterlju it Barrahúster kompleks net as gearkomsteplak bedoeld. It moat hast fan it begjin ôf opset west hawwe as in agrarysk eksploitaasjesintrum fan folle gruttere omfang as de normale boerepleats, dy't troch de paters fan Burgum yn eigen behear bebuorke waard mei stipe fan likebroarren. Yn de Fryske dokuminten komme wy datsoarte fan grutte kleasterpleatsen faak tsjin as *monnikehuizen* of muontsehuizen, wêrby't dan it elemint 'monnik'

Besit yn kaart

It ferskinen fan de *Prekadastrale Atlas fan Ljouwerteradiel* makket it mooglik it midsieuske kleasterbesit frij krekt yn kaart te bringen. Dat kin om't fan al dat besit ferkeapregisters bewarre bleaun binne út de jierren 1638-1644 doe't de Steaten fan Fryslân, dy't hast al it kleasterlân yn 1580 yn beslach nommen hiene, it fan de hân dwaan moasten om har skulden oan de Generaliteit betelje te kinnen. Troch de nammen fan pleatsen en hierders en ek de opjefte fan grutte en opbringst te ferlykjen mei de stimggegevens fan 1640 út de Atlas kin in keppeling ta



De kaart toant de gearhing tusken de lânskiplike struktuer en it besit fan it Barrakonvint tusken Burgum en Barrahûs (kaart: Hans Mol)

stân brocht wurde, dy't yn fjouwer fan de fiif gefallen útslútsel jout. It byld dat dêre dan útrûgelet is op side 12 op in kaartsje werjûn. Twa eartiids Burgumer kleasterpleatsen ûnder Wurdum út de ferkeapslisten koene net te plak brocht wurde, mar it kin wol oannommen wurde dat beide by it Barrahuster besitskompleks oansletten wiene. Sokke grutte úthoven lykas Barrahûs wiene bedoeld om mei eigen wurkkreften ikkerbou- en feeteeltprodukten op te bringen, dy't nei it kleaster ferfierd wurde koene om dêre konsumearre te wurden.³ Yn teory gie it om in sletten systeem dêr't gjin jild mei anneks wie, sadat de kleasterlju har sa min mooglik mei de (sûndige) wrâld hoegden te bemuoien. Yn de praktyk wurke it lykwols oars, om't de produksje fan de úthoven nei ferrin fan tiid sa grut waard, dat se yn de steden op 'e merk brocht waard om foar jild ferkocht te wurden. En mei dat jild koene de

muontsen dan keapje wat hja nedich hiene, bygelyks hout en oar materiaal foar de fierdere útbou fan har kleaster. Barrahûs wie it meast westlike fan de Burgumer úthoven en lei op de bêste grûn, mei in soad nijlân oan 'e westkant fan de Middelseedyk. De besitsrekonstruksje lit foar Ljouwerteradiel noch twa oare gearhingjende besitskompleksen sjen. Ien lei ûnder Huzum, mei as kearn sa likernôch it plak dêr't it MCL-súd op fêstige is, it oare fierder eastlik, oan de eastkant fan it Huzumer en Himpenser doarpsgebiet, by Risens en Pylkwier. Út de dokuminten is gjin ynformaasje oerlevere oer it bestean fan echte muontse-huzen dêre, mar dat liket in boarnekwetsje. De kompakte oaniensletten lizzing fan in tal kleasterpleatsen by elkoar wiist yn beide gefallen op in oarspronklike eksploitaasje yn úthoven. Berjochten oer sokke úthoven fan it Burgumer kleaster binne wol oerle-

vere foar besitskompleksen in bytsje mear nei it easten yn westlik Tytsjerksteradiel, nammentlik foar it 300 pûns-miet grutte gehiel fan *Olde Meeden* of *Âldemieden* ûnder Suwâld en de efkes mear nei it noardeasten lizzende *Moneke sate* by de Lytse Geast.⁴ Fan dêrút wie it net mear safier reizgjen nei it kleaster by Burgum sels, dêr't it kearnbesit lei, dat behalve fanút de sintrale kleasterpleats wei ek eksploatearre waard fanút de twa kilometer noardliker dêrfan lizzende úthof *Sandhuis*. Yn prinsipe hawwe wy dus gegevens oer fjouwer by namme neamde úthoven fan it Burgumer kleaster: Barrahûs, *Âldemieden*, de *Moneke sate* by de Lytse Geast, en *Sandhuis*; en fierder nimme we oan dat sokke eksploitaasjes intra ek bestien hawwe yn Huzum en by Risens-/Pylkwier. Sjocht men no nei de kaart, dan krijt men it byld fan in string efter elkoar lizzende úthoven, fan west nei east, fan de hege kwelderwâl mei oan-

swettend nijlân oan de Middelsee oer leger lizzend knipklaaigebied nei wiet feanlân en lân op heger lizzende sângrûn. De fariaasje yn lizzing makke dêrby ek in fariaasje yn produksje mooglik. By Barrahûs koene hjouwer en koarn, foar de bierbrouwerij, produsearre wurde, yn Goutum, Huzum en Himpens waarden nei alle gedachten kij hâlden, mooglik ek yn Aldemieden, dêr't fierder grif ek wol oksen fetweide waarden. Fierder kinne wy der wol op rekkenje dat it kleaster dêre ek einekoaien eksploitearre hat. Op de Lytse Geast, by *Sandhuus* en by it kleastersels sil wol rogge oanboud west hawwe foar de breaproduksje. En fierder waard op it Burgumer fean fansels turf stutsen foar de enerzjyfoarsjenning. Ta beslút moat dan noch it Burgumer *Abtshûs* oan de Twabaksmerke yn Ljouwert neamd wurde dat dêre yn 1570 troch de nij kreëarde biskop van Fryslân Cunerus Petri foar koarte tiid as biskoppelik paleis ynrochte waard en letter, yn 1579, de bestimming krige fan Steatehûs. De namme is wat nuveraardich om't it Burgumer kleaster nea de status van abdij krigen hat. Mooglik is er troch oaren oan it gebou jûn fanwege de ymposante ôfmjittings. De foarskiednis is net bekend, mar it is net útsletten dat it behalve as herberch foar de Burgumer prior ek lang tsjinst dien hat as in soarte fan steapelplak, fan wêrút kleasterprodukten op 'e merk brocht waarden. Al dy eksploatasjes intra wiene fan de ien nei de oar goet te berikken. Meindert Schroor hat yn syn stúdzje oer *De wereld van het Friese landschap* (1993) al beskreaun hoe't de kleasterlju fan De Lytse Geast fia in *olt feer* pal eastlik fan de Muontsetynje oer it Alddiel yn Risens komme koene en oarsom. It is wol net sa dat de Burgumer muontsen allinne mar oer har eigen lân hoegden te reizgjen om der te kommen, mar it wie wol in simpele ferbining.

Barrahûs, it Ald Djip en de Barrahúster syl

Sa't al oanjûn is, wie Barrahûs de meast westlike en tagelyk meast weardefolle fan dy rige úthoven. As sadanich sil er ek wol de âldste west hawwe. De string liket dêrom net ta stân kommen te wêzen fanút it easten, yn dy sin dat it kleaster stapke foar stapke nei it klaailân ekspandearre. Nei it ûnstean fan it kleaster waard nei alle gedachten earst Barrahûs stifte en binne dan letter de muontsehuizen tusken dy twa uterste

delsettings oan de keatling opboud. Mar wêrom hawwe de Burgumer muontsen har each dan earst krekt op de noardhoeke by Wurdum falle litten, soe jin him ôffreegje kinne. De ferklearring is betreklik ienfâldich as wy nei de ôfwettering sjogge sa't dy yn de tolfde en trettjinde ieu yn dit stikje Fryslân funksjonearre hawwe moat. By Barrahûs lei neffens Rienks en Walther yn alle gefal yn 1539 de Barrahúster syl. Dy tsjinne doe om it wetter fan it nijlân goed ôfstreame te litten fia in stikje Ald Djip en de Wurdumer feart nei it noardeasten. Mar fôar de yndiking fan it Nijlân westlik fan Wurdum en Ljouwert yn de twadde helte fan de trettjinde ieu moat it wetter fan sawol dat nijlân as it âldlân eastlik derfan útstreamd hawwe yn de grutte slinke fan de Middelsee. Yn feite fine wy by Barrahûs de útmûning fan in rivier dy't krektlyk as de Boarne mear súdlik, it wetter út in enoarme krite fan Eastergoa ôffierde. Dy stream kin yn de boarnen weromfûn wurde as it Ald Djip, wylst er streamop ek wol bekend stie ûnder de namme fan de (Wyde en Kromme) Ie. S.J. van der Molen hat yn twa moaie artikels yn de Ljouwerter Krante, fan respektivelik 1978 en 1989, de meanderjende rin fan it Ald Djip streamôf, tusken Wergea en Barrahûs beskreaun, wylst op de terpekaart út 1985 fan de Wurkgroep 'Werregae Ald en Wergea Nij', kreas de fuortsetting dêrfan tusken Wergea en Warten rekonstruerre is. Har befinings wurde befêstige troch de boaiemkaart en de kadastrale lânwearde-rekonstruksje fan 1832, dêr't it bochtige slinkepatroan goed op te sjen is. Mei it gehiel yn kaart sjogge wy mei ien eachopslach dat it Ald Djip ea net allinnich it wetter fan noardlik Idaarderadiel ôffierde mar ek dat fan it grutste part fan Tytsjerksteradiel, ynklusyf de lannen om de Burgumer mar en de Leijen hinne. Ek de Lits by de Rottefalle hearde ta it streamgebiet; dus wy kinne sizze dat de rivier yn it heechfean fan westlik Achtkarspelen ûntsprong. Sjoen de grutte meanders tusken Barrahûs en Swichum en de útkyljende klaaibanen dy't de boaiemkaart dêrby del oanjout, moat it Ald Djip by de mûning âldtiids tagelyk as in tjustream fungearre hawwe, dêr't seewetter troch binnen-dringe en slyk ôfset wurde koe. It belang fan de rivier foar de muontsen fan Burgum yn de earste ieu fan har bestean hoecht net ûnderstreke te wurden. Hoe better er funksjonearre,

hoe mear fruchten de lannen om har eigen kleaster opleveren. Om't lykwols de mûning fan it Ald Djip, krektlyk as dy fan soartgelikense streamkes lykas de Peazens en de Marne, troch it op-slykjen fan nijlân yn dy tiid hieltiten mear ticht kaam te sitten, binne de muontsen nei alle gedachten al gau belutsen west by it besykjen de wetterrin út te graven en dy mei in syl te regulearjen. It is wat spekulatyf mar ik tink dêrom dat de Barrahúster syl al yn de earste helte fan de trettjinde ieu troch it kleaster oanlein is - foar de útstream nei it westen - en dat it ferkrijen en oankeapjen fan lânbesit foar in part dêr ek mei yn ferbân brocht wurde kin. Dan kinne wy tinke oan in selde soarte fan houten pomp of dûkerslûs-konstruksje as yn it begjin fan de tachtiger jierren by Gerkeskleaster fûn is. Dy aktiviteit fan it Burgumer kleaster soe dan tige goed passe yn it algemiene patroan fan de Fryske kleasters dy't yn de trettjinde en fjirtjinde ieu de oanlis fan dit soarte fan wettersteatkundige keunstwurken foar har rekken namen. Tink mar oan Klaarkamp dat de ôfstream fan de Peazens reorganisearre, op it lêst fia de grutte Leppasyl, oan Gerkeskleaster mei ferskate silen yn de Âlde Riet en Lauwers, oan Lûntsjerk en Blomkamp dy't de Makkumer silen yn behear hiene, of oan de kleasters fan Nes en Ealsum dy't de soarch hiene foar inkelde silen yn de Boarn. Lang sil de útstream fan east nei west fia Barrahûs yn de kleastertiid net duorre hawwe. It hat eigenskip dat al fuort nei de ôfsluting fan it Middelseegebiet west fan Ljouwert yn de twadde helte fan de trettjinde ieu it wetter de oare kant op, nei it noardeasten, laat wurde moast. It is hjir net it plak om it ta stân kommen fan dy nije konstellaasje wiidweidich te beskriuwen, mar wol kin sein wurde dat it graven fan lange rjochte fearten eastlik fan Ljouwert, lykas it Langdeel en de Lange Meer dêre diel fan útmakke. It Burgumer kleaster kin in rol spile hawwe by de oanlis fan dy nije wetterwegen, en it leit foar de hân it ûnstean fan har grutte úthoven fan Lege Mieden en Risens/Pylkwier as stipepunten foar it ûnderhâld fan it ôfwetteringssysteem dêr ek mei yn ferbân te bringen. By gebrek oan skriftlike dokuminten is gjin krechte datearring fan dat proses te jaan, mar der is alle kâns dat it him sa likernôch tusken 1250 en 1300 ôfspile hat.

Ferfal en fernijing fan it úthofsysteem

It systeem fan agraryske produksje op úthoven yn eigen behear waard troch de measte kleasters yn it begjin fan de fyftjinde ieu opjûn. Hja krigen doe te min likebruorren om it geande hâlde te kinnen en koene dus neat oars dwaan as de úthoven yn parten te ferdielen en dy oan in stikmannich hierders yn pacht út jaan. Meastentiids waarden de grutte eartiidske úthofkompleksen yn sa'n fjouwer oant seis aparte pleatsen ferdielt, lykas bygelyks yn Jelsum dêr't it *Schierhuis*, it úthof fan de Cistersiënzers fan Klaarkamp, yn fiif parten oan likefolle pachters oerjûn waard, dy't earst oars ek alle gear noch yn it âlde gebouwekompleks wennen. It Burgumer kleaster hat de eigen eksploitaasje fan Barrahus earst hiel let opjûn. Dat hat dêrmei te krijen dat it konvint him yn it midden fan de fyftjinde ieu, om krekt te wêzen yn 1449, oansleat by de Herfoarmingskongregaasje fan Windesheim dy't it dwaan fan hânwurk troch har konvintsleden op 'e nij propagearre en dy't dêrom wer konversen oannaam en âlde úthoven besocht ta nije produktiviteit te bringen. De proasdj is doe omset yn in priorij mei in befolking fan manlju, dy't him allinnich talei op koargebet, stúdzje en hânwurk. De termskip hawwe hja útstjerre litten. Fierder hat it kleaster doe ek syn relaasjes mei de ûnderhearrige parochys foar it grutste part ferbrutsen. Wat dat oanbelanget is it karakter fan it kleaster yngripd feroare. Dat wie ek it gefal by de oare kleasters út de rûnte fan Lúntsjerk, dy't har de ien nei de oar by Windesheim oansleaten. Lykwols moasten se nei ferrin fan tiid dochs allegear fêststelle dat it trochsetten fan de eigen eksploitaasje fan de âlde úthoven net mear út koe. Yn 1511 - út it bekende Register fan de Oanbring krije wy dêr in goed byld fan - wiene it Burgumer kleaster en syn âlde memmekleaster Lúntsjerk de ienichste Fryske kleasters dy't noch funksjonele úthoven hiene. Dêr hearde it Barrahus net mear by: it Burgumer kleaster hie doe allinne noch de úthof *Olde Meeden* ûnder Suwâld mei in grutte fan sa'n 60 *grasingen* en 75 *mansmad meden* yn eigen behear. De lannen fan Barrahus wiene doe al yn hier jûn oan in rige fan sân hierders, mei as wichtichste Folkert Gerbens, de heit van Viglius van Aytta.


Militêre oerlêst, mislearre ferhúsplannen en de ferhier oan de Aytta's

Neffens de libbensbeskriuwing fan de grutte bestjoerder en rjochtsgelarde Viglius fan Aytta hie it alhiel de bedoeling net west fan de Burgumer fraters om Barrahus te ferhierren.⁵ Sy wiene sels begûn om dêre de fûneminten foar in nij kleaster te lizzen en hiene dus plannen ûntwikkele om fan Burgum út nei Wurdum te ferhúzen. Mar twa grutte militêre konfrontaasjes yn de striid tusken Skier en Fet, yn 1492 en 1498, hawwe har der ta brocht it as fêstigingsplak op te jaan. Yn 1492 gie it tusken de Skieringers fan Westergoa ûnder lieding fan Bocke Harinxma oan de iene kant en de Fetkeapers fan Ljouwert en Eastergoa, dy't mei Grins ferbûn wiene, oan de oare kant. De Skieringers lutsen doe oan 'e koartste ein. Seis jier letter wie it krekt oarsom. Nei't de Skieringers, dy't doe eins as in soarte fan hulptroepen foar Albrecht fan Saksen ûnder lieding fan kapitein Wilwold von Schaumburg optreden, begjin juny by Laaksum de Wâldfriezen al ferpletterend ferslein hiene, lutsen se op om it ferset biedende Ljouwert noch moares te learen. Neffens Worp van Thabor kaam it by Raard ta in lytse fjildslach - de earder neamde libbensbeskriuwing fan Viglius hat it oer in slach tusken it Skierhûs ûnder Wurdum

(de eartiidske úthof fan Bloemkamp) en Barrahus - dy't troch de Ljouwerters ferlern waard. By dy gelegenheid is Barrahus yn brân rekke en plundere, en is ek it kleaster by Burgum sels alhiel troch de mannen fan Schaumburg en syn Skieringer maten ûnder hannen naam. Yn de wurden fan Petrus van Thabor, in ordegenoat fan de Burgumer bruorren: *Ende ... dat convent toe Burghum worde hoer beesten benomen, als hoer beste grote ossen, buten al ander clenodye!* De skea wie sa grut dat de Burgumer muontsen besleaten it úthof net mear op te kreazjen en it dus ek net mear ta in nij kleasterkompleks út te bouwen. Sy fregen tastimming oan de nije machthawwer fan Fryslân, de hertoch fan Saksen, om har út Barrahus werom te lûken en it ferhiere te meien. Op dat momint koe de jonge Folkert Gerbens syn slach slaan fanwege de fertrouensposysje dy't syn broer, de geastlike Bucha van Aytta, as partijgonger en riedshear by de hertoch hie. Troch dy syn tadwaan koe er op de leeftiid fan sa likernôch tweintich jier it wichtichste part fan de Barrahuster lannen, plus it gebouwekompleks sels, foar in lytse hierpriis oernimme. Viglius syn biograaf hat it yn dit ferbân oer in *mediocris pretium*, dat is in sêft priiske. We skriuwe dan 1503. Yn 1511 omfieme dat besit fan Viglius syn heit 25 pûnsmiet ikkerlân,



Justjes noardlik fan it hjoeddeiske Barrahus leit it plak dêr't it âlddjiip yn 'e Middelsee útmûne. Op de eftergrûn de Brêdyk, dêr't yn 1827 de Oeriselske Strjitwei op oanlein waard (foto: Tom Sandijck)



Kaart fan it grûnbesit fan Barrakonvint yn in part fan it Sudertrimdiel fan Ljouwerteradiel (kaart: Hans Mol)

40 pûnsmiet greidelân en 37 pûnsmiet miedlân, dus yn totaal mear as 100 pûnsmiet, foar $60\frac{1}{2}$ goudgûne. It soe te fier gean om de fierdere skiednis fan de Aytta's hjir út te wurkjen. Mar wol kin sein wurde dat de earste grutte hierders fan wat foarhinne sokke úthofkompleksen west hiene yn it algemien goed buorke hawwe. Wy sjogge dat bygelyks by de famylje Vogelsang, dy't de úthof fan Bloemkamp by Easterwierrum yn pacht naam. Dy krige allyksa foar in lyts bytsje jild in hiel grut gearhingjend kompleks op relatyf goeie grûn yn hannen, mei fiergeande beskikkingsrjochten. Dêrtroch koene sokke famyljes har ûntwikkelje ta hast in eigen klasse, tusken de eigenerfden en de adel yn. Viglius van Aytta hat aardich syn bêst dien om syn komôf as adellik foar te stellen. Hy hie wol in pear lytse haadlingen yn syn kertieren, mar de measte fan syn foarfaren wiene dochs eigenerfden en dus moast er lykas gâns stânsgenoaten in karriêre opbouwe fia in akademyske stúdzje. Dat dy betelle wurde en ek fierder in ympuls krije koe, wie grif ek te tankjen oan de opkomst fan syn famylje troch

de goedkeape oername fan it kleasterlân fan Barrahûs. Komme wy ta beslút dan noch efkes werom op Jancko Douwama syn útlis fan de relaasje tusken Barrahûs en it kleaster Burgum, dan wurdt wol dúdlik hoe't dy ta stân kaam is. Douwama hie op himsels wol frijwat ynformaasje oer Burgum en Barrahûs ûnthâlden, mar hat by it útskriuwen fan syn ferhaal syn kreative kennis oer betreklik resinte ûntjouwings fermind mei in ferkearde noasje oer it skiere ferline fan it konvint. Dat Barrahûs as gearkomstsintrum foar lânsdagen fan Westergoa en Eastergoa brûkt waard, kloppet alhiel; dat it by militêre konfrontaasjes tusken Skier en Fet ferwoaste waard ek. En hy hie meikrigen dat de Burgumer kleasterlju dwaande west hiene Barrahûs ta in echt kleasterkompleks om te bouwen mar dêre fierder fan ôfsjen moaten hiene. Dat lêste hat er lykwols ferkeard ynterpretearre, as soe it gean om it opjaan fan in al tige âld kleastersteat. It is him net oan te rekkenjen, mar it lit wol sjen dat de histoaryske kennis fan in reedlik ûntwikkele haadling as Jancko Douwama net fierder

gong as minskeheugnis, en dat as de Burgumer kleasterlju sels eat oan skriedskriuwing dien hawwe, dy gjin fersprieding krigen hie.

Literatuer en noaten:

- 1 Jancko Douwama's *Geschriften*, J. van Leeuwen, J. Dirks en J.G. Ottema ed. (Ljouwert 1849) 30. Sjoch ek it resinte *Een man van eer. Bloemlezing uit Jancko Douwama's geschriften*. Vertaald en ingeleid door Martha Kist en Harmen Wind (Hilversum: Verloren, 2003).
- 2 Algemien oer it Burgumer kleaster: A. Baart en M.P. van Buijtenen, 'Bergums kerk, klooster en omgeving', *De Vrije Fries* 43 (1957) 130-174; in boarne-opjefte fynt men by: A.G. Weiler en N. Geirnaert, *Monasticon Windeshemense III* (Brussel 1980) 145-157.
- 3 Mear oer dit úthofsysteem by J.A. Mol, *Friese huizen van de Duitse Orde* (Ljouwert 1991) 174-177.
- 4 *Register van den Aanbreng I*, 227; *Beneficiaal-boeken van Friesland I*, 105-106 *Oudfriese Oorkonden I*, nr. 37 (1422); *Register geestelijke opkomsten Oostergo 1580-1581*, 140.
- 5 Sjoch F. Postma, *Viglius van Aytta als humanist en diplomaat (1507-1549)* (Zutphen 1983) 13-15, en de 'Vita Viglii ab Aytta Zuichemi', in: C.P. Hoyneck van Papendrecht ed., *Analecta Belgica*, tomus I, pars I, 5.

75 jaar Afdeling Friesland van de Vereniging van Kerkvoogdijen

Bernhard van Haersma Buma

Op 3 augustus 1928 werd te Leeuwarden de afdeling Friesland van de Vereniging van Kerkvoogdijen (VVK) opgericht. Dat lijkt een goede reden om even bij haar geschiedenis stil te staan. Zij was de eerste provinciale afdeling van de in 1920 tot stand gekomen landelijke organisatie. Initiatiefnemer was de energieke Jouke Bakker uit Menaldum, Tweede Kamer-lid voor de CHU en een gezaghebbend man in Hervormde kring, die in 1927 aantrad als voorzitter van de VVK om vijftig jaar lang de voorzittershamer te blijven hanteren. Hij begreep dat de landelijke vereniging verankerd moest zijn in de provincies om goed te kunnen functioneren en stelde daarom al gauw voor provinciale afdelingen op te richten. Vervolgens ontwierp hij daartoe ook zelf een afdelingsreglement. In vier jaar kwamen elf provinciale afdelingen tot stand. Het begon dus met Friesland, een maand later gevolgd door Groningen en in december Drenthe, en het eindigde in november 1932 met Zeeland.

Bakker werd meteen tot voorzitter van de Friese afdeling gekozen. Tot op hoge leeftijd heeft hij deze functie vervuld. Hij spoorde zijn mensen steeds aan om over de eigen grenzen heen te kijken. Vaak riep hij de vergadering in zijn slotwoord op trouw te zijn aan de 'Vaderlandsche Kerk' die in zijn visie door haar historische ontwikkeling de roeping had het Nederlandse volk de boodschap van het Evangelie en de consequenties daarvan voor te houden. Na enige jaren trad als secretaris aan de heer Jansonius uit Huizum, oud-burgemeester van de toenmalige gemeente Leeuwarderadeel en lid van de SDAP. Hij gold als een voortreffelijk secretaris, wiens notulen een genoegen zijn om te lezen. Jaren was ook hij lid van het hoofdbestuur, in welke functie hij zich onder meer verdienstelijk maakte voor een goede regeling van de pensioenen van de kerkelijke medewerkers. Beide mannen hebben ongetwijfeld hun stempel op de afdeling gedrukt. Toen ze in 1956 gelijktijdig aftraden, waren ze respectievelijk 82 en 85 jaar oud. Hoewel de Afdeling bij sommige kerkvoogden op een zeker enthousiasme mocht rekenen, groeide ze maar langzaam. Kennelijk keek men als goede Friezen de kat uit de boom. Bakker betreurde dat en liet het ook merken. 'Onze kerkvoogden schijnen erg conservatief te zijn, zodat ze niet kunnen besluiten zich aan te sluiten,' zei hij in een van de vergaderingen. Mogelijk hing het ook samen met het eigen karakter van de Friese kerkvoog-


dijen. Friesland kende en kent nog heel veel kleine gemeenten. De hervormde Friezen maakten ongeveer vijf procent van het totaal aantal Hervormden uit, maar de bijna 300 kerkvoogdijen die Friesland in de jaren voor de oorlog telde, vormden toen ongeveer twintig procent van het totaal. Opvallend is verder dat de Friese kerkvoogdijen naar verhouding veel grondbezit hadden. Wie die verschijnselen wil verklaren, moet teruggaan tot de twaalfde en dertiende eeuw. De Friese landen waren toen betrekkelijk rijk, waardoor vele vermogende Friezen het zich konden permitteren om al dan niet in onderlinge samenwerking een parochiekerk te stichten. Omdat de bisschop van Utrecht, aan wie Friesland in kerkelijk opzicht onderhorig was, weinig bezwaren koesterde tegen het ontstaan van nieuwe kerken, mits die vanaf het begin maar goed voorzien waren van fondsen – in de vorm van boerderijen – voor het levensonderhoud van de pastoor en de bouw en het onderhoud van de kerk, kon de vermenigvuldiging van de parochies zich hier heel ver doorzetten. Er ontstonden zodoende zelfs kerken in buurschappen die niet meer dan zeven tot tien boerderijen telden. Het beheer ervan kwam in handen van welgestelde parochianen die door de gemeenschap tot kerkvoogden werden benoemd. Als sommige Hervormde gemeenten nu nog over aparte boerderijen voor 'pastorie' en '(kerk)patroon' beschikken, dan is dat dus al zo'n zeven of acht eeuwen het geval.



J.A. Bakker (foto: Kerkbeheer, maandblad van de Vereniging van Kerkvoogdijen in de Nederlands Hervormde Kerk en het Landelijk Verband van Commissies van Beheer van de Gereformeerde Kerken in Nederland)



J.G. Jansonius (foto: Kerkbeheer, maandblad van de Vereniging van Kerkvoogdijen in de Nederlands Hervormde Kerk en het Landelijk Verband van Commissies van Beheer van de Gereformeerde Kerken in Nederland)



Sneek. De koepel van de eerbiedwaardige Martinikerk is sinds de Staatsregeling van 1798 eigendom van de burgerlijke gemeente (foto: De Keppelstok)

De hervormde bedding

Het is boeiend om te zien, hoe het werk van de Afdeling een weerspiegeling geeft van de ontwikkelingen binnen de Hervormde Kerk. Globaal kunnen daarin drie perioden worden onderscheiden: de tijd tot 1940, de oorlogsjaren met de naoorlogse periode tot ongeveer 1970, en de laatste decennia. Een steeds terugkerend discussiepunt in de vooroorlogse periode was de verhouding tussen bestuur en beheer. Het was het eerste onderwerp dat Bakker in een inleiding voor de ledenvergadering van de Afdeling aan de orde stelde. Wat was de positie van de kerkvoogdij ten opzichte van de kerkenraad, hoe kon tot eenheid in het beleid worden gekomen, en hoe moest het toezicht worden geregeld? Tientallen jaren is gestreden over deze vragen, die voor het functioneren van de kerkvoogdijen van het hoogste belang waren maar de gewone lidmaten minder aanspraken. Naar buiten veel meer in het oog lopend was de richtingstrijd tussen de rechtzinnigen en vrijzinnigen. Ook in Friesland was de verdeeldheid groot en waren de fronten verward. In de Afdeling bleef

dit onder de oppervlakte, zij het dat men terwille van de vrede zich qua vertegenwoordiging aan stilzwijgende pariteitsafspraken hield. Toen vanaf 1946 het afdelingsbestuur uit twee leden per classis werd samengesteld, werd uit iedere classis steeds een rechtzinnig en een vrijzinnig lid benoemd. Was de voorzitter van de afdeling rechtzinnig, dan was de secretaris vrijzinnig, de vicevoorzitter vrijzinnig en de tweede secretaris rechtzinnig.

De verschijning van de zogenoemde Nieuwe Bundel, de voorganger van het Liedboek voor de kerken, zorgde in 1938 voor enige discussie. Hoewel de kerkvoogden er weinig mee te maken hadden - de kerkangers zorgden voor hun eigen gezangboekjes - werd het onderwerp wel ter sprake gebracht. Toen de kerkvoogdij van de gemeente Menaldum haar vrees naar voren bracht dat het zingen op hele en halve noten tot moeilijkheden zou leiden, merkte de kerkvoogdij van Huizum op dat het best meeviel. Men had repetitieavonden gehouden onder leiding van een zangeres. In het algemeen gingen vrijzinnige gemeenten makkelijker over

op de Nieuwe Bundel dan rechtzinnige. En inderdaad: Menaldum was rechtzinnig en Huizum vrijzinnig.

Slechts een enkele keer kwamen er in de bestuursvergaderingen echt spanningen aan het licht. Een aantal gemeenten kende een minderheid, die als een soort nevengemeente fungeerde, eigen diensten belegde en vaak ook over een eigen kerkgebouw en een eigen voorganger beschikte. Was de gemeente vrijzinnig, dan organiseerden de rechtzinnigen zich in een 'Hervormde Evangelisatie', was de gemeente rechtzinnig, dan organiseerden de vrijzinnigen zich in een 'Vereniging van Vrijzinnig Hervormden'. In een afdelingsvergadering bracht de kerkvoogdij van een vrijzinnige gemeente met een rechtzinnige minderheid naar voren, dat men altijd gewoon was geweest, de bijdragen van de rechtzinnige leden door te sluizen naar de Evangelisatie. Nu had het bestuur van de Evangelisatie laten weten, dat men, als de rechtzinnigen ooit de meerderheid zouden krijgen, niet van plan was omgekeerd hetzelfde te doen, dus de bijdragen van de vrijzinnige leden door te sluizen naar de Vereniging van Vrijzinnig Hervormden. Moest men nu wel zo doorgaan, vroeg de kerkvoogdij? Gewoon doorgaan, was het wijze antwoord van achter de bestuurstafel.


De oorlogsjaren lieten een nieuw ontwakken zien en de jaren na de oorlog waren een periode van een nieuw elan. Kernachtig werd dat onder woorden gebracht in een wijdingstoespraak van de bekende Huizumer predikant Dr. P. Smits in de eerste vergadering na de oorlog. Het was een tijd van opbouw, uitbreiding en groei - al was de Hervormde Kerk al lang aan het vergrijzen - en het richtingsvraagstuk verloor zijn scherpe kanten, al werd nog tot omstreeks 1970 het wijdingswoord aan de het begin van de ledenvergadering beurtelings door een rechtzinnige en een vrijzinnige predikant uitgesproken. De invoering van de nieuwe kerkorde in 1951 met daarin de figuur van de ouderling-kerkvoogd betekende een mijlpaal in de geschiedenis van de Hervormde Kerk omdat ze een eind maakte aan de discussie over de verhouding tussen kerkenraad en kerkvoogdij. De route was bepaald, al zou het nog tot in onze tijd duren voordat de regeling algemeen was ingevoerd. Natuurlijk was het niet alles rozegeur en maneschijn. Zo was er de problematiek van de kleine vergrijzende dorpsge-

meenten. Vele malen werd dit in Friesland zo actuele onderwerp aan de orde gesteld. Er waren dus wel tekenen van teruggang, maar men beschouwde dat niet als een structurele ontwikkeling. In het algemeen beleefde men de periode als een overgangstijd (het woord komt een paar keer in de notulen voor) op weg naar een nieuw evenwicht. Maar eind jaren '60 kondigde zich een nieuwe ontwikkeling aan. Het was de periode van de Parijse studentenopstanden, Provo, de bezetting van het Maagdenhuis in Amsterdam en tal van andere roerige verschijnselen; oude gezagspatronen werden doorbroken en veel vanzelfsprekendheden gingen verloren. Achteraf laten de cijfers zien, hoe diep de ingreep in het kerkelijk leven was. Het ledental van de Hervormde Kerk was al geruime tijd geleidelijk aan het dalen maar rond 1970 vond een ongekeerde kerkverlating plaats. In Leeuwarden bijvoorbeeld verloor de Hervormde gemeente tussen 1970 en 1976 6000 van haar 16000 leden. Dat betekende dat het aantal predikanten in één klap van negen naar zes moest worden teruggebracht. En hoeveel dorpen hebben hun pastorieën in die jaren niet met weemoed in particuliere handen zien overgaan? Is dus de tijd na 1970 te kenmerken als een blijvend proces van ontkerkelijking met de bijbehorende financiële problematiek, zij bracht ook een positieve ontwikkeling waarbij de kerkvoogdijen intensief betrokken werden. Ik doel hier op het Samen op Weg-proces. Natuurlijk was de financiële nood een factor, maar de samenwerking kreeg toch ook gestalte door de diep gewortelde overtuiging bij vele deelnemers dat de weg naar eenheid de juiste was. In 1979 hield ds. Aalbers, de eerste vrijgestelde Samen op Weg-predikant, een inleiding voor de Afdeling. Waarschijnlijk was hij de eerste gereformeerde spreker voor de Afdeling. Omdat de gereformeerde en de hervormde beheerstraditie nu eenmaal grote verschillen kennen, plaatste de samenwerking veel kerkvoogdijen voor de nodige problemen. In Friesland is daarom voor het kerkbeheer een eigen modelreglement ontworpen. Het bestuur van de Afdeling heeft onlangs nog haar steun uitgesproken aan de vele kerkvoogdijen die in het Samen op Weg-proces zijn betrokken en daar vanuit hun verantwoordelijkheid aan willen bijdragen.

De beheersproblematiek

De beheersproblematiek is te groeperen in drie onderwerpen: gebouwen, personeelsbeleid en financiën. Het bezit en de restauratie van de kerkgebouwen werden ten tijde van de oprichting van de Afdeling niet onderkend als een probleem. Al voor de oorlog werden in Friesland kerken gerestaureerd. In 1938 sprak de bekende restauratiearchitect Baart sr. over het Friese kerkenbezit en over restauratieaspecten, een initiatief dat door het hoofdbestuur aan de andere afdelingen ten voorbeeld werd gesteld. Ook hield ds. Kalma in 1943 een inleiding over het oude Friese kerkenbezit. Het was de eerste keer dat een inleiding in het Fries werd gehouden. De regelmatige zorg voor de kerkorgels werd wel als probleem ervaren. Evenals in de meeste andere afdelingen werd al spoedig een adviseur aangesteld, die de kerkvoogdijen kon voorlichten over het onderhoud en goede afspraken met orgelbouwfirma's. In Friesland was dat de heer van Manen uit Sneek, die een kleine twintig jaar als zodanig werkzaam is geweest. De oorlogsperiode was voor het beheer in Friesland geen ingrijpende periode. Van oorlogsschade was hier nauwelijks sprake. In de jaren vijftig en zestig werd er een aantal nieuwe kerken gebouwd, zij het naar verhouding minder dan in de rest van het land. Met name in de steden vond nog uit-

breiding plaats. In Leeuwarden verreesen na 1950 in totaal elf nieuwe hervormde en gereformeerde kerken, waarvan er nog zes in gebruik zijn, nu bijna allemaal als Samen op Weg-kerk. Op het platteland begonnen de ontvolking en ontkerkelijking intussen hun tol te eisen. Tal van kerkvoogdijen kregen er grote problemen met het onderhoud van kerken die niet meer werden gebruikt of die een onevenredig hoge last betekenden. In 1970 werd in samenwerking met de Provinciale Kerkvoogdij Commissie de Stichting Alde Fryske Tsjerken opgericht, naar het voorbeeld van de een jaar eerder opgerichte Groninger zusterstichting. Voor verscheidene kleinere gemeenten vormde de overdracht van de eigen kerk aan deze stichting een uitkomst, al ging het afstand doen vaak niet zonder pijn. De initiatiefnemer, de heer Regn. Steensma, kwam in 1971 een inleiding houden voor de Afdeling en trad ook in latere jaren herhaaldelijk als spreker op. Om de kerkvoogdijen behulpzaam te zijn met hun restauratiewerkzaamheden werd verder in 1982 in nauwe samenwerking met de Afdeling de Stichting Behoud Kerkelijke Gebouwen opgericht, een initiatief dat elders algemeen navolging vond. Regelmatig wordt in de afdelingsvergaderingen verslag over de gang van zaken uitgebracht. Een bijzonder onderwerp is het eigendomsrecht van kerktorens en de daar-



Leeuwarden. De Kurioskerk van de Hervormde Gemeente te Leeuwarden/Huizum is sinds tientallen jaren de vergaderplaats van de Friese afdeling van de VVK (foto: Klazien Schroor)

bij behorende onderhoudsplicht. Het onderwerp was in de Friese afdeling al ter sprake gebracht in 1955 toen het bestuur een enquête onder de Friese kerkvoogdijen had gehouden. In 1978 stelde het bestuur vast dat het eigendomsrecht van torens een omstrepen punt blijft. 'Het bewijs van eigendom is vaak moeilijk te leveren.'

Waar gaat het om? Bij de staatsregeling van 1798 – in het begin van de Franse tijd – waren de kerktorens overgegaan naar de burgerlijke gemeenten die daarmee ook de onderhoudsplicht kregen. In vele dorpen werd aan deze regeling echter geen uitvoering gegeven en zorgden de kerkvoogden voor het onderhoud van de torens. Gaf het voldoening de kerktorens zelf te onderhouden, op den duur keken de kerkvoogden wel eens met jaloerse blikken naar collega's, die van deze last waren vrijgesteld omdat 'hun' toren door de burgerlijke gemeente werd onderhouden. Zo ontstond de gedachte de bepalingen van de staatsregeling van 1798 weer op te pakken en alsnog het onderhoud naar de burgerlijke gemeenten over te hevelen. Het valt te begrijpen dat die daar niet op zaten te wachten. De betrokken kerkvoogdijen zetten door en een aantal begon in 1992 een proefproces. In de openvolgende procedures is veel historisch materiaal naar boven gehaald. Het liep in 2000 uit op een arrest van de Hoge Raad, waarbij voor de kerkvoogdijen de gelegenheid werd geopend nader bewijsmateriaal aan te voeren dat de torens inderdaad eigendom van de burgerlijke gemeente zijn.

In de jaren negentig werd veel aandacht geschonken aan de inventarisatie van het kerkelijk kunstbezit op initiatief van de heer S. ten Hoeve uit Nijland. Enige tientallen kerkvoogdijen hielden zich daarbij afzijdig, ondanks alle pogingen van het afdelingsbestuur en de Provinciale Kerkvoogdij Commissie hen tot medewerking te bewegen. Maar de meerderheid heeft gelukkig vroeger of later gehoor gegeven aan de oproep. Een andere, heel specifieke taak vormt het beheer van kerkelijke begraafplaatsen. Ongeveer de helft van de Friese kerkvoogdijen is daarbij betrokken. Regelmatig geeft de Afdeling voorlichting aan hen.

Als we het over het personeelsbeleid in strikte zin hebben, vallen daar de predikanten niet onder omdat zij niet in dienst zijn van de kerkvoogdijen. Verstaat men onder personeelsbeleid

de zorg voor degenen die voor de uitkering van hun salaris of traktement op de verantwoordelijkheid van de kerkvoogdijen zijn aangewezen, dan is dat wel het geval. De problematiek van de achterblijvende predikantstraktementen vormde een belangrijke reden voor het ontstaan van de landelijke verenging. Toen na 1900 en vooral na de Eerste Wereldoorlog de inflatie toenam, de kosten stegen en de traditionele inkomsten uit het bezit gelijk bleven, was de financiële situatie in veel pastorieën erbarmelijk. Er moesten centraal maatregelen worden genomen. Voor de vaak conservatief ingestelde kerkvoogdijen vroeg dit een enorme mentaliteitsombuiging. In een vrijwilligersorganisatie als de Kerk bestaat van oudsher weinig aandacht voor personeelsbeleid. Veel Friese kerkvoogdijen behandelden de predikant in financieel opzicht als het sluitstuk op hun begroting. Veel en fel waren ook de klachten in afdelingsvergaderingen over stijging van de pensioenafdrachten, alsof pensioenen geen normale sociale verworvenheid waren.

Uit het voorgaande blijkt, dat de financiën altijd een belangrijke rol speelden. De stijging van de personeelskosten bracht met zich mee dat veel meer dan vroeger een beroep op de leden moest worden gedaan om regelmatig jaarlijks bij te dragen. Nu had men vroeger ook wel vaste jaarlijkse inkomsten door het zitplaatsengeld dat allerlei wonderlijke uitwassen had. Maar dit werd geleidelijk onvoldoende. In vele gemeenten werd rond 1920 de hoofdelijke omslag ingevoerd, waarover meteen al op de eerste ledenvergadering in 1928 de nodige discussies werden gehouden. Rond 1970 werd dit systeem geleidelijk vervangen door dat der vrijwillige bijdragen, waarbij de actie Kerkbalans een belangrijke rol ging spelen. Daarover werd in de afdelingsvergaderingen de nodige voorlichting gegeven. In Friesland had overigens maar 40% destijds het systeem van de hoofdelijke omslag ingevoerd, al waren dat wel de grotere gemeenten. Sommige kerkvoogdijen vonden de overgang naar de vrijwilligheid een sprong in het diepe, al kenden anderen het al lang.

Bij de financiën hoort ook het bezit. Het is begrijpelijk, dat op de vergaderingen van de Afdeling regelmatig door deskundigen voorlichting werd gegeven over nieuwe ontwikkelingen. Met name aan het pachtrecht en


pachtvraagstukken, ruilverkavelingen en melkquota werd de nodige aandacht geschonken. In de afgelopen jaren is voorts hevig gediscussieerd over de kerkelijke heffingen over het bezit, ook quota genoemd. De meningen over de voors en tegens ervan liepen sterk uiteen, maar met de nieuwe regeling van de komende Protestantse kerk lijkt het probleem inmiddels uit de wereld te zijn.

Rond 1980 steeg het water veel kerkvoogden tot de lippen. Daarbij zette het bij velen kwaad bloed, dat men in het plaatselijk werk moest bezuinigen, terwijl de landelijke heffingen voortdurend bleven stijgen. De bom barstte en de zogenaamde Friese actie ontstond. In april 1991 diende de Afdeling op de algemene vergadering een motie in om tot vermindering van de jaarlijkse lasten voor de gemeenten te komen. Dit zou in november 1992 leiden tot het aannemen door de synode van het bezuinigingsrapport 'Kiezen en delen' voor het landelijke werk

Interne organisatie

Het vergaderpatroon is vanaf het begin hetzelfde gebleven. Men komt in het voorjaar en in het najaar bij elkaar. In de eerste decennia vergaderde men steeds te Leeuwarden in een hotel in de buurt van het station. Pas veel later, toen men niet meer op het openbaar vervoer was aangewezen, besloot men in kerkelijke gebouwen elders in de stad te vergaderen. Na het midden van de jaren zeventig werden zowel de afdelings- als de bestuursvergaderingen vrijwel altijd in de Kurioskerk gehouden. Men begon de vergadering 'morgens al om half tien en onderbrak haar 's middags voor een koffietafel. Eerst werd steeds de huishoudelijke agenda afgewerkt, waarna een deskundig spreker, meestal van buiten, een inleiding hield. De middag – de zaal was dan blauw van de rook – werd doorgaans besteed aan overleg en discussie of een enkele keer aan een tweede inleiding.

Met de groei van het ledental kwam er behoefte aan decentralisatie. Daaruit ontstond in 1967 de gewoonte, om in het najaar streekvergaderingen te beleggen, al gauw vast in Franeker, Dokkum, Drachten, Heerenveen en Sneek, vanaf 1985 ook in Bolsward. Die streekvergaderingen zijn een succes gebleken. Werden de centrale vergaderingen gemiddeld door zo'n 100 kerkvoogden bezocht – met uitschieters



Loënga. De samenhang van de klokkensstoel op het kerkhof met de kerkboerderij ernaast heeft middeleeuwse wortels (foto: De Keppelstok)

naar boven en naar beneden -, het totaal bezoek van de streekvergaderingen kwam zelden beneden de 200. Het gezelschap bestond voornamelijk uit mannen. In 1948 was al eens een inleiding over 'De vrouw en de kerk' gehouden, maar de eerste vrouwelijke kerkvoogd kon pas in 1954 welkom worden geheten. Een aardig citaat in dit verband is een uitspraak uit 1941: 'Het gescheiden zitten van mannen en vrouwen (bedoeld werd: tijdens de kerkdiensten) is een traditie die niet altijd hoeft te worden gehandhaafd, maar die zeker niet als drukkend of lastig moet worden beschouwd.'

Vanaf de oorlog werd aan het begin van de vergadering een wijdingswoord uitgesproken door een predikant. Tal van bekende namen komen we in de loop der jaren tegen. Sinds de jaren tachtig heet het wijdingswoord overdenking. Bij de interne organisatie past tenslotte ook aandacht voor het archief van de Afdeling. Erg uitgebreid is dit trouwens niet. Van de eerste tientallen jaren bestaan alleen notulenboeken, die overigens een schat aan gegevens bevatten. Vooral na 1970 is het archief veel uitgebreider omdat er veel correspondentie over die jaren bewaard is gebleven. In de jaren negentig werd

het geïnventariseerd door de toenmalige secretaris, de heer Duursma. Omdat zo'n archief toch wel kwetsbaar is heeft het bestuur besloten, het te deponeren in het Rijksarchief in Leeuwarden, tegenwoordig Tresoar. En het ledental? Na tien jaar telde de Afdeling 100 leden, zes jaar later overschreed men de 200. In de jaren vijftig bereikte men het hoogtepunt, bijna 250. Maar toen waren er nog een kleine 300 kerkvoogdijen. Nu zijn dat er nog 212, die op vijf na lid van de Afdeling zijn. Dat betekent een aansluitpercentage van ongeveer 98 %, een percentage dat ook geldt voor de landelijke vereniging.

75 jaar afdeling Friesland, 75 jaar leiding, krachtenbundeling, voorlichting, vraagbaak, belangenbehartiging, onderling contact. Opmerkelijk genoeg is bij de viering van dit jubileum tegelijk het eind in zicht. Het ziet er immers naar uit, dat de Vereniging van Kerkvoogdijen op korte termijn zal opgaan in een nieuw te vormen Vereniging van Kerkrentmeesters in de komende gefuseerde Protestantse Kerk in Nederland.

Bernhard van Haersma Buma is oud-burgemeester van Sneek en oud-voorzitter van het Koninklijk Fries Genootschap

Ingezonden

Reactie naar aanleiding van H. Nijboer, Baksteen naar Brazilië. Friese geeltjes in de tropen. *Frysland* 9 (2003) nr. 2, pagina 12-13.

Lang voordat ik een zichzelf iets te serieus nemende man was, die door regen en wind geplaagd werd, had ik Uw advies al opgevolgd. Ik zocht de zon op. U schrijft over 'de wat zwaarmoedige Friese archeologen'. Ik nam dus geen halve maatregelen: hup, ver boven de poolcirkel, vierentwintig uur zon per etmaal. Niks geen Brazilië. En jawel: Friese geeltjes. In dit geval: 'Zwaarmoedige verhalen voor bij de centrale verwarming' (overigens niet aanwezig).

Laat het Friese geel (of mag ik zeggen goud) overal ter wereld schijnen, en laten wij dat samen onderzoeken, zonder zwaarmoedigheid.

Jurjen Bos

De âlde en moderne Snitser hurdsyldei

Gosse Blom

De Snitser hurdsyldei is ien fan 'e hichtepunten fan it Fryske toeristeseizoen. Eartiids wie dit sylfestijn in selsstannich evenemint dat alle jierren op 'e tredde of fjirde woansdei yn augustus holden waard. Sûnt 1934 is de syldei ûnderdiel fan 'e Snitswike. De Snitswike is ûnderwilens útgroeid ta it grutste sylevenemint yn ús lân. It tal sylfartugen dat meidocht yn ûnderskate klas-sen komt de lêste jierren boppe de tûzen út. De publike belangstelling meie wy ek net ferjitte. De woansdeis op 'e hurdsyldei komt in protte folk nei it Kolmarslân, it starteilân yn 'e Snitsermar, ta om nei de wedstriden te sjen of te genietsjen fan al it oare fertier dêre. It wie eartiids wenst dat de winkels yn Snits op woansdei sletten wiene. Mei de feroaring fan it toeristysk patroan hâlde net alle ûndernimmers har dêr mear oan. Want foar mannich besikers is it net mear in must om nei it hurdsilen ta te gean. Hja fermeitsje har wol yn 'e stêd. Dêrom wurdt der tsjintwurdich yn 'e binnenstêd in bradery organisearre. De toeristebrânzje giet der fanút dat it yn de Snitswike giet om sportiviteit en geselligheid. De Snitswike stiet no yn 'e earste folle wike van augustus op 'e agenda.

De Snitser hurdsyldei is ien fan 'e âldste sporteveneminten yn ús lân. De oerlevering lit de Snitser hurdsyldei al begjinne mei in admiraalsilerij yn 1814. By ferneamde sporteveneminten dy't sûnt jier en dei hâlden binne wurde gauris mytyske gegevens en wierheid trochinoar helle. De tradysje wurdt sa fier as mooglik yn 'e tiid werombrocht. By de Snitser hurdsyldei binne der lykwols oanwizings dat wy noch fierder yn 'e tiid werom moatte om de oarsprong te finen. Dêrfandinne dat ik yn dit artikel yn it foarste plak de iere ûntjouwring fan 'e syldei oanjaan wol, benammen om't de literatuur dêr amper omtinken om jûn hat. Yn it twadde plak sil yn lange trêden de skiednis bylâns gien wurde om it belang as (tradisjoneel) sportevenemint yn Fryslân te yllustrearjen.

De admiraalsilerij

Yn 1965 waard de 150ste Snitser hurdsyldei betocht. In wichtich ûnderdiel foarme it admiraalsilen op 'e Snitsermar, organisearre yn 'e mande mei de stifting 'Ronde en platbodemjachten'. It Steatejacht fungearre as admiraalskip. Dat ûnderdiel stie net om 'e nocht op it program fan 'e feestlikheden. Want 150 jier earder, op woansdei 11 maaie 1814, presintearre de Snitser jachtfloat him mei in admiraalsilerij. Dêrmei woene de lju Jacob Sjoukes Visser ferwolkome, dy't him in jier earder by it Frânske leger oanslute moaten hie. Doe't bekend waard dat er behâlden werom kommen en op 'e

Jouwer wie, woene syn freonen him mei de hiele Snitser jachtfloat op pasjende wize ynhelje. De tocht foldie sa goed, dat der besletten waard de jierdei fan de nije Oranjefoarst, kening Willem I, as datum oan te hâlden foar alle sylfestijnen dy't dêrnei noch organisearre wurde soene. Foar dat jier foel dy jierdei op woansdei 24 augustus. Dat sleat moai oan op de Snitser merke. Om't in oare dei yn 'e wike beswieren meibrocht, waard úteinlik foar de woansdei keazen: de woansdei dy't folget op de earste sneon nei de twadde tiisdei yn augustus, (meastentiids) de tredde of fjirde woansdei fan augustus. De hurdsyldei fan 20 augustus 1817

wie de earste dy't yn 'e krante oankundige waard. It niisneamde admiraalsilen stiet beskreaun yn it boek *De Sneeker hardzeildag* fan H. Halbertsma, útjûn yn 1965. Oer de foarôfgeande jierren skriuwt de auteur allinnich wiidweidich oer it admiraalsilen neffens in beskriuwing fan Eelco Napjus út 1772 en oer it hurdsilen op Aldskou by gelegenheid fan de staasjebesite fan Steedhâlder Willem V mei syn húshâlding oan Fryslân op 4 septimber 1777. Dat de tuskentiid der wat bekaaid ôfkomt, der haw ik sa niis al wat oer sein.

De hurdsylberjochten yn Fryslân oant 1812 ta

Ut berjochten út 'e perioade 1765-1785 kinne wy ôfliede dat der yn alle gefallen njoggen plakken wiene dêr't ien of mear sylpartijen oankundige binne: Aldskou, Altenburch, Burgumerdaam, Earnewâld, Eastermar, De Galamadammen, Grou, Heech en Jirnsum. It besit fan plezierjachten wie doedestiids foarbeholden oan de elite. De hurdsylpartijen hearden dan ek by it fertier fan de upper ten. De achtjinde iuske hurdsylderijen waarden op priemmen set troch kastleins. It leit yn 'e reden dat it wedstriidwetter deunby in wetterherberch in ideaal plak wie foar meidoggers en oanhing om har frije tiid troch te bringen. Dat Snits ûntbrekt op 'e list fan 18e iuske oankundigin-

Feestterrein bij het Hardzeilen
Sneekermeer



gen hat kleardernôch as reden dat sa'n ideale lokaasje net by de stêd foarhannen wie. Der waard lykwols al syld yn de stêd, sa't ek bliken docht út it niisneamde admiraalsilen út 1772 beskreaun troch Eelco Napjus. Hurd-sile koene de Snitsers ek wol, want oan de ferneamde wedstriid op Aldskou yn 1777 diene tolve skippen út Snits mei, in tredde part fan it tal meidoggers. De winner kaam ek út Snits, nammentlik keapman Mintje Wouters. Yn 1805 set Snits him foar it earst mar wol definityf op 'e kaart fan it hurdsilen. It stedsbestjoer skriuwt yn 1805 in sylpartij út. Ek yn de folgjende jierren stiet de hurdsyldei yn 'e krante sadat der al praat wurde kin fan in tradysjoneel evenemint. De opmerklikste silerij út dy tiid waard holden op túsdei 11 juny 1811 doe't ús lân hearde ta it Frânske ryk. De lju sylde doe by Snits by gelegenheid fan 'e berte fan Napoleon Frans Karel Josef, kening fan Rome, soan fan Napoleon I, op 20 maart fan dat jier. De hegere autoriteiten woene syn berte fiere mei in algemiene feestdei om 'de Ingezeten van dit Departement te gemoet te komen', sa stiet yn it resolúsjeboek fan Snits. As aktiviteiten waarden ûnder mear foarskreaun: it lieden fan 'e klokken, it útstekken fan 'e flaggen, in tankstûne yn 'e tsjerken, en 'algemeene illuminatien in de Steden, openlijke wedloopen, Hurddraverijen en Hardzeilerijen en andere publieke vermakelijkheden'. Yn dat ramt fersocht de prefekt fan Fryslân de stêd Snits om in hurdsilerij te hâlden. De boargemaster besleat fjouwer prizen út te loven foar 'Binnenlands-Schepen', jachten boppe de 24 foet, jachten ûnder 24 foet en boaten. De winner by de skippen krige neffens de advertinsje as priis in flage, yn de oare klassen 'een fraaije vleugel, met tuigje en zilveren scheerhout'. It program passe yn 'e tradysje fan 'e jierlikse hurdsyldei. De trije klassen dy't op 'e syldei fan 16 augustus 1809 meidien hiene, sjogge wy werom yn 1811. Allinnich de skippen wiene tafoege. It resolúsjeboek jout fan dy klasse oars noch in dúdliker omskriuwing: 'Binnenlandsche Beurt of veerscheppen'. Dat falt binnen de kategory dy't wy hjoed de dei kenne as skûtsjes. Dat betsjut dat dy klasse earder op it toaniel ferskynt as ús bekend wie. Wêr't it wedstriidwetter fan it hurdsilen op 11 juny 1811 situearre wie, witte wy net. Om't de berjochten in grut tal taskôgers fermelde, sil der faaks tichter



Reunie Stamboek 1965

by de stêd syld wêze as hjoed de dei it gefal is. Njonken it hurdsilen by Snits, hâlden bestjoerders yn trije oare plakken hurddraverijen, nammentlik te Ljouwert, Harns en op It Hearrenfean. De Ljouwerter krante fermeldt dat de fjouwer eveneminten 'eene groote menigte aanschouwers derwaards (hebben) gelokt, die zich hebben beëi-verd, om door de vernieuwing van oude gebruiken, een gebeurtenis te vieren, waar van de toekomst de gelukkige uitwerkselen zal doen kennen'. De meast nijsgjirrige opmerking is de fernijing fan de âlde brûkmien wêrby't it de fraach is oft dat allinnich slacht op dy dei oft dat it giet om in earder ynsetten proses. Oft dat spesjaal op it hurdsilen slacht, kinne wy spitigernôch net út 'e ferslachjouwing gewaarwurde.

Snits en de hurdsyldei

De Snitser hurdsyldei is 'útfûn' troch it stedsbestjoer. It 'Gemeente bestuur van de stad Sneek' skreau in hurdsilerij út op woansdei 21 augustus 1805. Hjirby falt op dat foar it earst in oerheidsbestjoer him mei de sylsport bemuoit. Hurddraverijen, organisearre troch ûnderskate iepenbiere bestjoeren, wiene der doedestiids by de rûs. Snits die dêr ek oan mei. Neffens it resolúsjeboek fan 'e stêd waard op 20 juny 1782 'geresolveerd om jaarlijksch op den tweeden woensdag van augustus (zijnde de eerste kermisweek) te laten ver-

harddraaven een zilveren Zweep'. It hurdsilen kaam der dus letter by as oanfolling op de merke-aktiviteiten. De sylfartugen kamen in wike letter yn aksje as de hynders. Dat gegeven jout tagelyk in oar ljocht op de niisneamde motivaasje fan 1814 om it hurdsilen te hâlden op de jierdei fan 'e kening. Nei de Frânske tiid skriuwt it Snitser stedsbestjoer gjin hurdsilerijen mear út. Oft de aktiviteiten fan de bestjoerders fan earder no as 'besmet' sjoen waarden, leit net yn 'e reden. Want stêden en grietenijen gongen wol troch mei it útskriuwen fan hurddraverijen. It hurdsilen sil grif in legere status by de merke-aktiviteiten hân ha. Dochs komme wy noch fan twa grietenijbestjoeren berjochten tsjin oer it útskriuwen fan sylwedstriden: fan Grou yn 'e jierren 1818-1824 en yn 1864 op 'e Lemmer. De lêste fermelding is net sûnder belang want dat inisjatyf fan it gemeentebestjoer fan Lemsterlân soe in jier letter liede ta de oprjochting fan 'ZV De Zevenwolden'. Yn Snits moast it wedstriidsilen wer op 'e gleed komme. 'Eenige liefhebbers' kundigen op 20 augustus 1817 in hurdsyldei oan. Yn 'e rin fan 'e jierren waard it prestizje fan 'e jierlikse sylpartij hieltyd mear opkrikke. De organisaasje frege hyltyd mear omtinken, mei't der frijwat heakken en oezen oansieten. Dêrom naam yn 1851 'ZV Sneek' de regeling oer. De dei stie doe al heech



De Sneekweek wisselprijs

oanskreaun. De korrespondint fan 'e Ljouwerter lit dat yn syn ferslach fan 1856 dúdlik útkomme: 'De jaarlijksche hardzeilpartij te Sneek is een beroemd volksfeest, dat, in deze provincie, door geen ander, hoe ook genaamd en waar ook gehouden, wordt overtroffen'. Om 1885 hinne krige de hurdsyldei troch dielname fan 'e oare kant fan 'e Sudersee ek nasjonale bekendheid. Fyftjin jier letter wiene foarearst de goede tiden foarby wat ûnder mear bloken docht út it feit dat it slim wie lju te finen dy't in sit yn it bestjoer fan ZV Sneek nimme woene. Boppedat waard der in twadde sylklub oprjochte, de Sneeker Zeilclub (SZC), dy't as doel hie ûnderlinge wedstriden te hâlden. Mar yn 'e 20ste ien' kaam de fleur der wer yn om't de sylsport ekstra stimulânsen krige. Earst fanwege de opkomst fan 'e sportfartugen dy't foar in oanwaaks fan it meidoggerstal soarge. De kategory skerpe jachten, oantsjuttingen mei de Hollânske term 'klein watersport', soe stadichoan it byld bepale fan 'e measte hurdsilerijen, ek yn Snits. As twadde punt naam yn 'e tritiger jierren de belangstelling noch mear ta trochdat de lju mear frije tiid krigen en troch it feit dat de sylsport foar de middenklasse betelber waard. Dat wiene geunstige betingsten om yn 1934 út ein te setten mei in rige wedstriden oer meardere dagen, de Snitswike, dêr't ek de hurdsyldei yn opnaam waard. De twa sylferienings namen elts in part fan de organisaasje foar har rekken. De rivaliteit tusken de ferienings soarge earst foar swierrichheden. Dêrom waard in Snitswikekomitee ynsteld dat de regeling oernaam. It komitee koe betanke wurde doe't de twa ferienings

yn 1981 de lapen byinoar smieten. De 'Koninklijke Watersportvereniging Sneek' (KWS) hat no de organisaasje fan 'e Snitswike op 'e noed, dy't, sa't al sein is, útgroeid is ta it grutste wettersportevenemint yn ús lân.

De Snitser hurdsyldei as tradysjoneel sportevenemint

Dat de Snitser hurdsyldei ôfstammet fan it admiraalsilen, is perfoarst net ûnmooglik, mar leit net yn 'e reden. Admiraalsile is formaasjesilen as demonstraasje en dat is hiel wat oars as hurdsilen. Boppedat hat de hurdsyldei altyd in merke-aktiviteit west en dêrom mei sûnder beswier 1805 as útgong nommen wurde fan 'e jierlikse tradysje. De woartels lizze dus yn 'e Napoleontyske tiid. Spitigernôch ûntbrekt ynformaasje oer de motivearring fan it stedsbestjoer fan doedestiids. Mar de hurdsyldei fan 1805 sil grif opset wêze om mear minsken nei de Snitser jiermerke te lokjen. Yn earder tiden waarden meardere tradysjonele sylpartijen holden. De Snitser hurdsyldei hat lykwols syn rige oant hjoed de dei ta folholden. Alhoewol't der in tal jierren gjin syldei útskreaun is, meie wy rêstich prate fan in tradysjoneel sportevenemint. In oar tradysjoneel sportevenemint yn ús provinsje is de PC-keatsdei te Frjentsjer. Dat kaam dit jier prominint yn 'e publisiteit fanwegen in jubileumfiering fan 'e organisaasje. It is nijsgjirrich om efkes te sjen hoe der by de beide 'ynstituten' tsjin it begryp tradysje oansjoen wurdt. Op 'e PC-dei te Frjentsjer soarget de organisaasje bygelyks foar in oanklaaiing fan it wedstriidterrein dat de oanwêzigen tinken docht oan de sfear fan âlde tiden. De priis foar de kening fan de dei is al ynsteld yn 1883. Hoewol't der krityk is op de sportive wearde fan dy priis wol it bestjoer der om reden fan tradysje net fan ôfsjen. Koart kriemd: mannichien sjocht dan ek de PC-dei en tradysje as in ienheid. Ofsjoen fan 'e organisatoaryske kwaliteiten fan it PC-bestjoer fine guon de omballingen oerdreaun en sprekke fan folkloare om dêrmei gekjeiend it gehiel oan te tsjuten. Dat predikaat kriget de hurdsyldei net troch bûtensteanders opplakt. De organisaasje fan 'e Snitswike hâldt him alle jierren ek oan tradysjonele programpunten, mar dy geane net fier yn 'e tiid werom. Ekstra omtinken oan de dielname fan tradysjonele skippen soe in taak fan 'e organisaasje wêze kinne. Om't, sa't wy

niis seagen, keazen is foar de 'klein watersport' en in grut tal dielnimmers út dy kategory har de lêste jierren ynskriuwe, koene de âlde fartugen har yn 'e praktyk net hanthavenje. De fracht- en beurtskippen (no skûtsjes) sylde foar't lêst mei yn 1920. Dizze klasse krige letter in eigen organisaasje mei in wedstriidrige. It skûtsjesilen wurdt alle jierren ek in kear op 'e Snitsermar holden, mar de pleatslike organisaasje stiet los fan de KWS. Oare âlde klassen holden it langer fol. De skouwen 4,75 m, diene fan 1934 ôf mei op 'e Snitswike. 28 jier letter waard dy klasse ôffierd troch te min dielname. De rûne en platboaiemjachten joegen op de ein fan de sechtiger jierren noch acte de présence op 'e hurdsyldei. Letter kaam de organisaasje ta de konklúzje dat dy kategory net mear yn it program passe. De tradysjonele sylfartugen binne no noch allinnich noch by bysûndere gelegenheden yn it ramt fan 'e Snitswike te sjen. De Snitser hurdsyldei mei in hege âldens hawwe, de organisaasje fan 'e Snitswike hoecht net mei dat gegeven te keap te rinnen om publisiteit te krijen. Dy sille hja earder krije op it mêd fan fernijingen, want dêrby rinne de organisatoaren de lêste jierren foarenoan. Yn 'e santiger jierren waard al gebrûk makke fan moderne helpmiddels. In kompjûter registrearre de gegevens fan 'e dielnimmers en ek de útslaggen fan 'e wedstriden. Nei ôfrin fan in wedstriid koe eltsenien yn 'e regel alle gegevens te witten komme. Fierders gie men al gau oer op in elektryske startynstallaasje. Sadwaande hat de KWS op it mêd fan it hurdsilen in goede namme krigen.

Gosse Blom is meiwurker fan de Fryske Akademy



Legpenning zeilprijs Sneekweek 1989 (foto's Fries Scheepvaart museum)

Keatse en kolvjen yn Dokkum om 1560 hinne

Hans Mol

Keatse jildt as de Fryske sport by útstek. It spul wurdt yn gâns farianten yn ferskate gebieten yn Europa beoefene, dus alhiel unyk kin it net neamd wurde. Mar yn Nederlân is Fryslân de iennichste regio dêr't noch op grutte skaal yn keatst wurdt. En mei it wurdje *noch* kin ûnderstreke wurde dat dat net altiten sa west hat. Yn de lette Midsieuwen en ier-Moderne tiid liket it keatsen yn hiel West-Europa en net yn it lêste plak yn Hollân de meast populêre bûten sport west te hawwen neist it kolvjen. Kalma hat der yn syn standardwurk *Keatsen yn Fryslân* wiidweidich omtinken oan jûn. Eins hawwe de measte gegevens dy't troch him en oaren oer it keatsen foar 1600 fûn binne, betrekking op Frankryk en de Súdlike Nederlannen. Wat dat oanbelanget is it spitich dat no krekt foar it midsieuske en sechtjinde-ieuske Fryslân amper keatsberjochten oerlevere binne.

Der wurdt wol fanút gien dat it by it keatsen en kolvjen om 'gesunkenes Kulturgut' giet; dat dy sporten dus earst troch de hegerein beoefene waard en letter nei it folk ôfsakke binne. As dat sa is, troch wa soene se hjir dan yntrodusearre west hawwe kinne, en wannear waarden se ek troch de gewoane man beoefene? Kalma achtet it foar it keatsen mooglik dat der net earder as yn de sechtjinde ieu yn Fryslân mei begûn is. De keatsfjilden sille hjir nei syn betinken net earder as yn en nei de Saksyske tiid kommen wêze, doe't Fryslân hege amtners krige en it gewest opnommen waard yn de Bourgondysk-Habsburgske kultuerwrâld. Foar dy ûnderstelling falt wol eat te sizzen. Dan soe it ûnmiskenber âldste berjocht oer in keatswedstriid yn Fryslân: nammentlik dat yn Starum dêr't greve Willem VI (1366-1417) in gouden halsketting oan de winners ferlear, op in partij tusken Hollânske hearen yn in besette stêd slaan. Foar it kolvjen giet de Fryske histoary trouwens net fierder tebek as de sechtjinde ieu. Koe men lykwols oant no ta krektlyk as Kalma noch twifels hawwe oer de brede fersprieding fan it keatsen yn Fryslân yn de sechtjinde ieu, dan is dêr gjin reden mear foar. Yn it argyf fan it Sint-Bonifatiuskleaster fan Dokkum, no yn Tresoar te Ljouwert, wurdt nammentlik under ynvintarisnûmer 4 in dokumint bewarre dêr't ûnmiskenber út bliken docht dat it spul yn dy stêd sawat alle dagen troch de gewoane man spile waard. It stik, dat oant no ta wol troch in kolfhistoarikus mar amper troch keatssaakkundigen opmurken waard - allinnich Johannes Lolkama hat der in bytsje omtinken oan jûn -, befettet in klacht

oer de oerlêst dy't keatsers en kolvers om 1560 hinne it kleaster besoargen. As sadanich is it nammers gjin bysûnder stik, om't ferskate fan sokke klachten foar Hollânske stêden al yn de fyftjinde ieu oerlevere binne. Mar om't de skriftlike oerlevering foar Fryslân oant 1600 no ienkear frij meager is, is dit berjocht foar ús tige de muoite wurdich.

Ruten oan diggels

It giet om in brief, skreaun troch abt Hendrik (Henricus) Kessel fan de abdij fan Dokkum oan de Steedhâlder en de Presidint en Raden fan kening Filips II yn Ljouwert, dy't yn Fryslân op dat stuit it heechste gesach fertsjintwurdigen. Dat lêste wurdt mei klam nei foaren brocht yn de aanhef fan it stik. Want abt Hendrik Kessel hie skjin syn nocht fan de oerlêst dy't de keatsers en kolvers syn kleaster besoargen.

Yn it twadde part fan it brief skriuwt er dat er al earder it stedsbestjoer fan Dokkum fersocht hie om yn te gripen, mar hy hie fêststelde moatten dat de Dokkumer magistraat gjin inkelde maatregel nommen hie om in oan it hast permaninte folksfermaak te meitsjen en de kleasterlju har rêst werom te jaan. Hy wie dus wol twongen syn rjocht op in heger nivo te heljen en frege no it gewestlik bestjoer om it Dokkumer stedsbestjoer foar it gerjocht te daagjen en it sa te twingen om alle sportaktiviteiten op it neamde stik greidlân yn it iepenbier en ûnder driging fan straffen te ferbieden. Wêr gie it om? Op de noardkant fan it kleaster, tusken de kleasterpoarte oan de westkant en de Heerewech - dat wie de dyk dy't fan Ealsum ôf kaam en binnen it stedsgebiet tusken de Ealsumer poarte sudlik nei in stiennen brêge rûn -, lei in lyts stik fennelandis of greide, dat eigendom fan de abdij wie en troch har brûkt waard om bisten op te weidzjen. Dêrneist, mar net krekt te plak brocht, is sprake fan in *sekere vierkante plaetse*, sis mar in plein, dat wol lei *binnen den selven convente* mar bûten die *abdij ende des vors. convents brouhuys, melckenhuys ende bouwhuys*. Op it neamde stik gerslân en ek op it plein sammelen har *neffens abt Hendrik alle dagen jonge gesellen, burgeren, ambachtgesellen end schippers der stadt Dockum om te loepen, kaetsen, kolven ende ander speelen te hantie-*

Wintersk tafriel mei ûnder oaren kolfspilers op it iis. Skilderij yn wetterferve troch Hendrick Avercamp (1585-1634), alias 'de stomme van Kampen' (Teylers Museum, Haarlim)



ren. Se brûkten it mei oare wurden as iepenbier sport- en rekreaasjeterrein. It gefolch foar de kleasterlju wie dat har gers en oar gewaaks fertrape waard, dat har bisten fakentiden oan de kant draaun waarden en de glêsfinsters fan de kleastergebouwen troch rûnflleanende *kaetseballen* ende *andere kolfballen* geregeld oan diggels giene, sûnder dat der ek mar eat oan skea fergoede waard. It liket net wierskynlik dat hjir doeld is op de ruten fan de tsjerke of de sliepseal, om't dy gebouwen wat fierder fuort leine. Mar ek al soe it allinne gien wêze om de finsters fan de brouwerij en it molkenhûs, dan men kin fan tinken wol hawwe dat de konvintualen fan it Bonifatiuskleaster net in soad wurdearring foar de keatsery en kolverij fan de Dokkumer jongerein opbringe koene.

Status en datearring fan it brief


De status fan it brief is net alhiel dúdlik. It is skreaun yn in goed lêsbere kursyf troch in Mr. P(i)eter Rieuwerds fan Dokkum, sekretaris fan de Steaten en abbekaats by it Hof fan Fryslân, en mei ûndertekene troch abt Hendrik mei syn eigen hân. Dat wiist derop dat it in orizjineel of minút wie: it oarspronklike stik dat as bewiisemplaar yn it eigen argyf hâlden waard. Mar it is net datearre. De reaksje fan it Hof is net bekend. Sjogge wy nei de nammen fan beide ûndertekeners, dan kinne wy it yn earste ynstânsje tusken 1553 en 1571 pleatse. Op 12 juny 1553 waard Hendrik Kessel ta abt fan it Dokkumer kleaster wijd, as opfolger fan Dirk fan Hattum dy't op syn bar yn 1550 de fan

ketterij beskuldige Hendrik fan Zutphen ferfongen hie (Backmund, 193). Hy soe it folhâlde oant de opheffing fan it kleaster yn de maaitiid fan 1580, doe't er mei oare Fryske katolike ballingen nei Grins flechte. Neffens de ynvintarisasje fan dy ballingen, de *Conscriptio Exulum*, is er op 7 maart 1585 yn de Martinistêd ferstoarn. De eindatum fan 1571 hat te krijen mei it optreden fan Mr. Pieter Rieuwerds fan Dokkum. Dy wie wol âlder as abt Hendrik mar hat likegoed in tige lange karriêre hân. Hy wie earst sekretaris fan de ealman Syds Tjaarda en sekretaris fan Dantumadiel (1526), studearre yn Leuven (ynskreaun yn 1529), hie in notarispraktik en wie fan 1537 oant 1571 yn tsjinst fan de Steaten fan Fryslân as har skriuwer, om dêrneist ek by it Hof geregeld as abbekaats op te treden. It jongste stik dêr't syn namme yn foarkomt datearret fan 26 april 1571; nei alle gedachten is er koart dêrnei ferstoarn. Hie 1571 op dy wize net in *datum antequam* west, dan hie oars 1572 wol as sadanich oanwiisd wurde kinnen, om't de Bonifatiusabdij doe troch de Geuzen ferwoaste en plondere is en it kleaster ek by de fierdere militêre aksjes fan de troepen fan Caspar de Robles, dy't de Geuzen wist te ferjaaien, noch in soad te lijen hie. Abt Hendrik sil nei dy tiid wol wat oars oan de holle hân hawwe as him drok te meitsjen om keatsende en kolvjende jongerein. Hurde oanwizings om it brief oer de keats- en kolfoerlêst kreker yn de tiid te pleatsen hawwe wy net, mar it leit yn 'e reden dat abt Hendrik der yn de earste jierren fan syn abba-

tiaat mei dwaande west hat. As jonge enerzjike oerste wie er doe noch wol ree om juridyske prosedueres oan te spannen om de rêst yn syn kleaster weromkeare te litten; in rêst dy't hurd nedich wie nei alle konsternaasje oer de ketterij fan syn foargonger Hendrik fan Zutphen. Dat er krekt yn de twadde helte fan de jierren fyftich op dit mêd aktyf west hat, docht bliken út ferskate stikken dy't yn it kleasterargyf bewarre bleaun binne. Sa hat er yn 1556 ek Mr. Pieter Rieuwerds ynskeakele om syn rjochten op de geastlike rjochtspraak yn Kollumerlân te ferdingjen. Om dy reden soe ik it stik sa likernôch om 1560 hinne datearje wolle.

Lizzing oan de noardkant fan de abdij

It stikje greidlân yn kwestje wurdt dus lokalisearre tusken de konvintspoarte oan de westkant en de dyk dy't fan de Ealsumer poarte nei de stiennen pyp rint. Foar de lokalisasje fan de konvintspoarte binne twa mooglikheden. Op ien fan de nijskaarten út de saneamde *Robles atlas* fan 1572, dêr't foar Dokkum twa fan bewarre bleaun binne, is westlik fan de abdiytoer en it noardlik dêroanfêstheakke gebou, in poarte tekene. Dy is it meast dúdlik te sjen op de saneamde Austinkaart, dy't alhiel yn fûgelflecht opmakke is. Dat soe him wêze kinne. Mar der is noch in twadde mooglikheid, en dy is dat it giet om in poartekonstruksje oer de kleastersingel, op 'e hichte fan it Karrepad en yn it ferlingde fan de Toerstrjitte. Yn feite wie dat de noardlike tagong ta it abdijskompleks, wylst de poarte by de toer de súdlike tagong foarme. Op de neamde nijskaarten is net echt in poarte oan dy noardkant oanjûn - wy sjogge dêre loopgraafkonstruksjes (*trinciera*) dy't troch de Geuzen en boargers fan Dokkum oanlein wiene om de stêd nei har machtsgreep te ferdigen. Mar op de kaart fan Dokkum troch Jacob van Deventer út 1562 liket der op dat plak by de kleastersingel wol praat wurde te kinnen fan in poarte. Om't de Ealsumer poarte ek dêre yn it noarden te finen wie, sa likernôch op it plak dêr't de Oostersingel en de Bredestraat/Kleine Zuipmarkt elkoar moetsje, leit it yn 'e reden om it it stikje keats-greidelân tusken dy beide noardlike tagongen oer de âlde singel én de noardkant fan it abdijskompleks te sykjen. De tekening op de Deventerkaart jout dêre fierder gjin skerpe details. Ut de Robleskaarten, dy't kar-



Kolfsloffen út it begjin dan de 17de-ieu. De kolfstok bestie út in lange iperenhouten of eskenhouten stâl mei in ferbrede ûnderkant, de saneamde slof, dy't sûnt de 16e ieu yn in leaden skuon sette waard (Fries Museum, Ljouwert)

tografysk oars net sa betrouber binne, sjogge wy noardlik fan de abdijtsjerke in lang rjochthoekich gebou dat min of te meer een noardlik pandhûf (in *claustrum* dus) liket ôf te sluten. De Robleskaarten jouwe wer noardlik fan dat gebou gjin iepen romte of greide mar in soart fan appelhûf. Ek op de Van Deventerkaart lykje dêre beammen werjûn te wêzen, mar dan wol tige dizzenich, mei in stik as wat griene flekken. Soene we dat gegeven soms sa ynterpretearje meie, dat it greidelân hjir troch abt Hendrik úteinlik mei beammen beplante is om de Dokkumer jongerein it keatsen en kolvjen ûnmooglik te meitsjen? De *vierkante* plaetse is minder maklik oan te wizen om't der gjin neistlizzers foar opjûn binne. My tinkt dat wy it oan de westkant fan de Toerstrjitte sykje moatte, oan 'e noardkant fan it kompleks mei bedriuwsgedebouwen, dat op de Robleskaarten yn detail úttekene is. De plaetse lei ommers op it konvintsterrein mar dan bûten de eigentlike abdij oan de bûtenkant fan de brouwerij, it molkenhûs en it bouhûs, dy't faaks yn it hjoeddeistige blok tusken Hoge Pol, Parkssteeg en Leliewaltje Ieie hawwe.

De plaetse foar it keatsen en it greidlân foar it kolvjen?

It is de muoite wurdich en stean noch efkes stil by it gegeven dat it om twa terreinen giet. Yn it brief wurdt net mei safolle wurden sein, dat it iene foar it keatsen en it oare foar it kolvjen bûkt waard; mar soe dat net yn 'e reden lizze? It iene fjild wie yn alle gefallen folle grutter as it oare. Foar safier't wy witte hiene hja yn dy tiid benammen foar it kolvjen in soad romte nedich, as it alteast net krekt om de presize fariant gie, dêr't op koarte ôfstân in kegel of in pealtsje rekke wurde moast - of lykas tsjintwurdich by it moderne (midget)-golf it baltsje yn in gat spile wurde moast. Sjoen de klacht oer it rampoai fan ruten en finsters hawwe de Dokkumers grif it lange ôfstân-kolvjen beoefene. Dêrby wie it de bedoeling dat in skate ôfstân mei sa min mooglik slaggen oerbrêge waard. Eins op deselde wize as mei it moderne golf. Om't by dy fariant de spilers goed mei har kolfstok úthelje moasten, gie de bal nochalris heech de ferkearde kant út. Om't it neamde greidlân tusken de kleasterpoarte en de *Herewech* by de Ealsumer poarte wol in pear hûndert meter omfieme hat, soe ik ûnderstelle wolle dat dat by de kolvers yn gebrûk west hat; yn dat gefal sille de

keatsers elkoar earder op de *vierkante* plaetse moete hawwe. Fan dat lêste terrein wurdt wol dúdlik dat it krekt oan de noardmuorre fan ien of mear kleastergebouwen grinzge. Dat kin gjin tafal west hawwe. It moat de keatsers net om in frijlizzend stik lân te dwaan west hawwe. Dan soene se likegoed in stikje greide bûten de singels útsykje kinnen hawwe. Nee, sy hiene de muorren en tekken fan de kleastergebouwen nedich foar har spul. Yn dy tiid waard nammentlik noch net út de hân opslein, mar waard de bal earst troch de opslager tsjin de muorre of op in tek smiten om him dan by de stuit of as er fan it tek nei ûnder kaam, mei de boppehân op te slaan; dat stuitsjen ferhege ommers de muoilikheidsgraad fan it spul. Der binne allerhanne farianten fan it keatsen dêr't in stuit by in muorre of in tjems fereaske is, lykas by it Hitsumer spul of it Dokkumer keatsen dat om 1890 noch in libben gebrûk wie. Foar de details ferwize we de lêzers graach troch nei de monografy fan Kalma. It is oars wol ferliedlik in ferbân te sykjen tusken de njoggentjinde-ieske Dokkumer keatsfariant en de keatsery by de abdij om 1560 hinne, mar dat soe dochs net mear wêze as spekullearje.



(Illustraties: Fries Museum)

Folkssport

Oer de populariteit fan sawol de keatsas de kolf sport yn brede lagen fan de Dokkumer befolking yn de tiid fan abt Hendrik kin gjin misferstân bestean. It brief hat it oer *jonge gesellen, burgeren, ambachtsgesellen end schippers der stadt Dockum*. Sawol de jonge ambachtslju as de jongfeinten ûnder de skippers en boargers diene mei oan it spul, en dat noch wol op twa aparte terreinen en ek noch 'daigelix'. Dat lêste sil wol net sa begrepen wurde moatte dat it keatsen dei yn dei út trochgje, want nei't we oannimme meie, moasten de

lju doe lange dagen wurkje. Mar op de sneinen en hjeldagen, dêr't doe mear as 50 it jier fan yn acht nommen wurde moasten, sil it nei de Mis grif in drokte fan belang west hawwe, sawol fan spilers as ek fan taskôgers. Koartsein, keatsen en kolvjen wiene dus al in populêre folkssporten yn Dokkum - en wêrom dan ek net yn de rest fan Fryslân - yn it midden fan de sechstjinde ieu.

Geeft oetmoedelycken te kennen heer Henricus Kessel, abt des cloesters ende goedshuysse van Sinte Bonifacius binnen Dockum, in de naeme ende vanwegen den selven convente, hoe dattet vors. convente heeft liggen opte noordersyde van tselve cloester sekere cleynen stuck fenne-landis ofte weydlant, streckende vanden conventspoorte wuten westen naeden oesten tot aenden Heerewech, loepende van Aelsummer poorte naeden steenen pype, ende daertoeboven noch sekere vierkante plaetse, gelegen binnen den selven convente buythen die abdij ende des vors. convents brouhuys, melckenhuis ende bouwhuis. Ende hoewel nijemant recht noch actie en competeert omme opte selve fenne ende die vors. plaetse te moegen kaetsen, kolven ende andere speelen te moegen doen ende het gras ende gewass vanden selve fenne ende plaetse te overloupen ende betreden ende des convents beesten daerwut te verdriven ende oick die glaesevensters vanden vors. convente aen stucken te slaen ende breken, soe ist nochtans aelsoe dat die jonge gesellen, burgeren, ambachtsgesellen ende schippers der stadt Dockum hair vervoorden opte vors. fenne ende plaetse daigelix te loepen, kaetsen, kolven ende andere speelen te hantieren ende het gras ende gewass daervan te verdarven ende des convents beesten te [.. erberen] dat zy daer noch mit vrede moegen gaen, ende daerenboven oick altemits die glaese vensteren mit kaetseballen ende andere kolfballen aen stucken te slaen ...

Literatuer

(mei tank oan Goasse Blom):

- N. Backmund, *Monasticon Praemonstratense II* (Straubing 1952);
- S.J.H. van Hengel, *Golf - kolf - golf. Van Middeleeuws volksspel tot moderne sport* (Zutphen 1982);
- J.J. Kalma, *Keatsen yn Fryslân* (Ljouwert 1982);
- Johannes Lolkama, *Perken, parturen en koningen. Honderddertig jaar georganiseerde kaatssport in Friesland* (Akkrum 1983);
- O. Vries, *'Naar ploeg en koestal vluchtte uw taal.' De verdringing van het Fries als schrijftaal door het Nederlands (tot 1580)* (Ljouwert 1993).

In alternative fizy op Gysbert Japix

Tony Feitsma

Philippus Breuker syn fizy op it dichtwurk fan Gysbert Japix is yn haadsaak dellein yn trije skriftueren: syn dissertaasje fan 1989 *It wurk fan Gysbert Japix, syn karlêzing Gysbert Japix. Een keuze uit zijn werk* (2003) en syn yn *Fryslân ôfprinte betinkingsrede, Gysbert Japix nei fjouwerhûndert jier* (2003). Foar syn útjefte yn de karlêzing hat Breuker in (foar in part hypotetyske) gronologyske opset foar kar nommen en dêrneffens hat er ek de ûntjouwing fan Gysbert syn wurk karakterisearre.

Yn it *Ten geleide* by de karlêzing (2003, side 7) seit Breuker wol dat der oan in gronologyske folchoarder beswieren fêst sitte, mar, sa ornearret er: 'de volgorde van de *Friesche Rymlerye* van 1668 viel niet te handhaven'. It belangrykste argumint dêrfoar: it ferbân tusken de teksten yn de beide earste ôfdielingen fan de Rymlerije is net altyd like grut en 'sommige gedichten lijken net zo goed ook in een andere afdeling te passen'. Yn syn betinkingsrede yn *Fryslân* 2003, side 7, ûnderskiedt Breuker yn it wurk fan Gysbert Japix fjouwer kategoryen: de petearen út it deistich libben, de lieten ('wêrûnder fansels de psalmen'), de gelegenheids-gedichten en de fertalingen yn proaza út it Frânsk. Hy nimt oan dat Gysbert op basis fan it genre fan de harders-dichten oer doarpslju as Tjerne, Sjolle, Jolle, Hayse-yem, Reamer, Sape, Egge, Wynering, Godsfreon (mar is dat wier in doarpsman?) en Tjesck-moar skriuwt. Yn oerienstimming dêrmei sjocht er by Gysbert in ûntwikkeling 'fan in dichter dy't it Frysk neffens de wenst fan syn tiid foar ferdiveedaasjeliteratuer brûkt nei ien dy't it op deselde wize brûkt as in geleard en klassyk oriëntearre dichter syn Latyn en dy't hieltyd mear oer de dingen skriuwt dy't him sels dwaande hâlde'. Foar de datearring fan de fersen brûkt Breuker ferskillende kritearia: alderearst guon histoaryske data, boarnen dêr't Gysbert oan ûntliend hawwe kin, ferskillen yn stavering tusken âldere en jongere teksten, mear of minder wurdlike oerienstimmingen tusken ferskillende gedichten en har ûnderlinge folchoarder, en mooglike ferbannen tusken persoanlike tsjinslaggen yn it libben fan de dichter en konkrete dichtwurken. Dy stik foar stik belangrike eleminten komme bytiden wat te wis en te absolút oer. Dêrmei ropt dy oanpak twa fragen op: meie wy de gronology sjen as



de beskiedende of belangrykste faktor yn de ûntjouwing fan Gysbert syn dichterskip, en, punt twa, binne de kritearia foar it fêststellen fan dy gronology krekt en binne se goed ôfwoegen?

Yndieling fan de Rymlerije 1668

Oars as yn de Gysbert-útjefte fan Brouwer c.s. yn 1966 en yn Breuker syn oardering fan 2003 ha ik destiids yn myn artikel *De Friesche Rymlerye as boek* (yn *Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam*. Meidielingen nûmer 3. Amsterdam 1978:80-109) myn útgongspunt nommen yn de opset en de yndieling fan de Gysbert-útjeften fan 1668 en 1681. Om de diskusje wat oersichtliker te hâlden, sil ik my hjir

beheine ta de Gysbert-útjefte fan 1668 (= Breuker 1989 I:*1-236). Net dat ik yn 1978 ta in slutende konstruksje kommen bin en wy witte fansels ek net krekt hoe't de definitive opset fan de Rymlerije nei de dea fan Gysbert sels ta stân kommen is, mar dochs, der wie 'some system in the madness'.

De Rymlerije fan 1668 is yn trijen yndield: it earste diel hat de titel: *Ljeafd in Bortlycke Mingel-deuntjes*, it twadde: *Gemiene af Huwzmannen petear, in ore katerye* en it tredde: *Hymmelsch Harp-Luwde. Dat iz to sizzen, ytljcke fen Davids Psalmen*. Dy titels suggerearje in yndieling fan it boek yn trije betsjuttingsskiften: boartlike ferskes oer de leafde; petearen fan gewoane minsken en ta beslút godtsjinstige poëzij.

Pastorale tradysje

Yn it earste diel (de leafde en boartlike mingel-deuntsjes) steane alderearst *Friesche Tjerne* en *Sjolle Kreamer* mei as haadpersoanen in pear boereminsken. Dan folgje 15 fersen, dêr't har harders-toanieltsjes yn ôfspylje mei fiktive harderfiguren en dy't sa te sjen oer de leafde geane. En dêrnei komme in boartlike sêge oer in mûzeboask út de mytyske gouden foartiid (de *aurea aetas*) en in proazastik út de mytologyske sfear oer de ûntrouwe Paris en de drôvige Enone dy't er ferlit. Dy stikken dy't 44 fan de 48 siden fan it earste diel beslagge, hearre allegear tús yn de 'pastorale' tradysje troch har ûnderwerp, de leafde, likefolle ot dy him no ôfspilet tusken 'gewoane' minsken of tusken harders. De teksten falle gauris op troch har geastigens en dûbele boaiem lykas by it permantige mûzepear en de mei de Fryske omgongstaal kontrastearjende petrarkistyske en wat 'gehobene' styl yn de leafdespetearen. Dat petrarkisme fernimme wy net allinne yn de 'harders'-fersen mar ek by minsken lykas Tjerne en Tiete dêr't men 'gewoan' praat fan ferwachtsje soe. Dat guon leafdesfersen yn wêzen oer polityk en godtsjinst geane, is net yn striid mei de 'pastorale' tradysje en past goed by de hjir sinjalearre dûbele boaiem. Yn de pastorale tradysje fan it hardersliet sa't dy him by de Griken (sûnt Theocritus yn de tredde ieu foar Kristus) en by de Romeinen (sûnt

Vergilius yn de earste ieu foar Kristus) ûntjûn hat, wie ek de mytyske gouden ieu in favoryt ûnderwerp en itselde jildt foar mytologyske stof. Yn har lêzing op 29 augustus 2003 oer *Gysbert Japix en de heldinnenbrief* op it kongres *Friese kultuur in de eeu van Gysbert Japix* hat Olga van Marion derop wiisd dat Gysbert syn proazatekst *Paris forlittende Enone* hiel goed yn it earste diel fan de Rymlerije paste (Sjoch fierder Verkuyll 1971:9-18).

Moralistyske petearen

It twadde diel spilet yn in hiel oare sfear. De gearspraken (*Nijsgjirrige Jolle, Reamer en Sape, Egge en Wynering*) en *Tjesck-Moars See-Engste*, dy't ik meiïnoar as it húsmannepetear beskôgje (en dêrmei as de kearn fan de ynhâld fan diel twa), nimme 31 siden (s. 49-79) fan de 43 siden fan dat diel yn beslach. Hjir komt de pastorale der net oan te pas; it giet hjir oer reële moralistyske petearen (of eksklamaasjes) oer soberens tsjinoer pronkskens en âld tsjinoer jong; lân tsjinoer stêd; see tsjinoer lân; oer ien dy't út de sûnde weiflechtsje wol nei it bûtenlân tsjinoer ien dy't lykwols yn it eigen lân bliuwe wol; mei alle kearen ta beslút in ierdske moraal dy't oan 'e ein opklimt ta in godstsjinstige, himelske moraal. It ferskil tusken it earste en it twadde diel giet in einhinne lykop mei it ferskil tusken pastorale en hofdicht (of de harderspoëzij, it pastorale, tsjinoer de lânboupoëzij, it georgyske) sa't Van Veen (1960: 118-120) dat beskriuwt as er it hat oer it realisme fan it hofdicht en de rol dy't de religy dêryn spilet.

Tsjerklike tradysje

It tredde diel mei godstsjinstige (meast tsjerklike, bibelske) fersen, fierwei it grutste diel fan de Rymlerije (139 siden fan in totaal fan 230), past alhiel by de titel fan dit diel: it himelsk harplûd. It earste part fan it himelsk harplûd bestiet út tolve psalmen en lofsangen: *de Friesche Herder*, dy't Gysbert sels ek wol oantsjut as *in besletten wirck* (brief IV; Breuker 1989 I:327). Yn in oar brief oan Gabbema (brief XVI; Breuker 1989 I:335) hat Gysbert it oer de fyftich *Friesche Psalmen* dy't er him stjoert. As wy de psalmen en lofsangen dy't yn de Rymlerije op de *Friesche Herder* folgje, neigean en neitelle, dan docht bliken dat it twadde en lêste part fan it himelsk harplûd bestiet út dy fyftich psalmen en lofsangen. Gysbert makket

Der Griexser Princerffen/ ende Jonckvrou- wen clachtige Sendtbrieuen/ *Heroidum Epistolæ ghenaeint/ bescreuen duer den geleerden ende vermaerden Poet. Ouidius Naso inden Latijne/ende nu eerst in Duytsche duer Cornelis van Ghisfele Rhetozijschelyck ouergesedt/ seer plapsant om lesen.*



Geprent Thantwerpen by my Hans de Laet.
M. D. LIII.

Met Gratie ende Priuilegie.

Utjefte út 1553 fan Publius Ovidius Naso (43 f. Kr. – 17 n. Kr.) syn Heroidum Epistolæ yn de folkstaal. Hjiryn ûnder oaren yn dichtfoarm it brief fan Enone oan Paris. Yn it begjin fan 'e 17de ieu wiene de kleilietsjes en -gedichten fan Enone wakker yn 'e moade (UB Leien)

by it gearstallen fan de *Friesche Herder* en fan de dêrop folgjende samling fan fyftich godstsjinstige sangen gjin ûnderskie tusken psalmen en lofsangen. Wol lykje de lieten út it tredde diel eins allegear by de tsjerklike tradysje te hearren en/of parafrases fan bibelske teksten te wêzen.

Yn de beide earste dielen fan de Rymlerije steane ek in pear godstsjinstige lieten (*Op 't Musyck-sjongen en Fromme Ljue æg-wijt yn diel ien; Moed in To-Forlit op Goads Gunste en Siel-Njue yn diel twa*), mar it liket derop dat dy gjin diel útmeitsje fan de tsjerklike tradysje en net túshearre by de eigentlike tsjerkesang en dat se dêrom net rjocht passe yn it gehiel fan diel trije mei syn wat fêstere komposysje en syn bibelsker en tsjerkliker karakter. Binne se dêrom telâne kommen oan de ein fan it earste en it twadde diel? (sjoch A. Feitsma, *Gysbert Japiks syn Lofsangen en de tsjerklike tradysje*. Yn: *Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam*. Meidielingen nûmer 2. Amsterdam 1978:93-102).

Fan ierdske nei himelske moraal

Oan de ein fan it earste en it twadde diel steane fierder noch in stikmenich gelegenheidsfersen. It feit dat dy oan de ein fan dy dielen steane, wylst har layout - op dy fan de de *Lângeane* nei (s. 80-82) -, navenant minder royaal omkomt, jout dy fersen mear it karakter fan oanfolling as dat se in part fan de sintrale ynhâld wêze soene. Dêr komt by dat der noch twa gelegenheidsfersen ûnder *Egge en Wynering* (ûnderoan side 73) en ûnder *Tjesch-Moar* (ûnderoan s. 79) steane as in soarte fan bledfolling. Men soe tinke kinne dat dat plak gaadlik achte waard foar fersen dy't bûten de sintrale ynhâld fan de twa dielen foelen, as men net noch fierder giet en derfan útgean wol dat foar sokke 'reststikken' faaks op it lêst noch plak fûn wurde moast. De 'echte' ynhâld fan de trije dielen is yntern fierder wakkere konsistint. Sa't der oan de ein fan de gearspraken yn it twadde diel sprake is fan in klimaks fan de ierdske nei de himelske moraal, sa klimt ek de ynhâld fan de trije dielen fan de Rymlerije op fan de pastorale leafde fia de gearspraken nei it godstsjinstige. En dat rint wer lykop mei de folchoarder yn de *Zeeusche Nachtegaal* (1623) dy't yndield wurdt yn de trije dielen *Minne-sang*, *Seden-sang* en *Hemel-sang*. P.J. Meertens

(1943:221-222) seit fan dy yndieling: 'Men herkent in deze indeling onmiddellijk de rederijkerstraditie der refereinen int vroede, int amoureuse en int sotte', ek al is karakter en folchoarder yn de rin fan de tiid feroare. De folchoarder fan de trije dielen fan de Sieuske bondel rint wol wer alhiel lykop mei dy fan de Rymlerije. Sa'n systeem fan opklimming fan ierdske leafde (minne-sang) nei maatskiplike tastannen (seden-sang) nei godstsjinstich libben (hemel-sang) fine wy ek yn Jacob Cats syn *Sinne- en Minne-beelden* (1627) en grif ek noch wol yn oare boeken út dy tiid (sjoch ek Breuker 1989 II:274-275).

Gysbert syn dichterskip op 'e nij yn diskusje

Breuker syn dissertaasje fan 1989 hat de Gysbert-stúdzje in hiel ein foarút holpen. Mar syn gronologyske opset fan no hat my net oertsjûge. Breuker wol der yn syn betinkingsrede yn *Fryslân* 2003, nr. 2, side 7, op út dat wy op grûn fan guon datearringen 'ûntwikkelingen sjen kinne'. Hy datearret it wurk fan Gysbert in einhinne lykop mei de fjouwer kategoryen dy't er yn syn wurk ûnderskiedt, en dy steane by him wer model foar Gysbert syn dichterlike ûntjouwing. Syn opfetting is fandatoangeande in fariant fan Haantjes syn karakteristyk fan Gysbert syn ûntwikkeling fan folksdichter ta Renaissance-dichter (J. Haantjes, *Gysbert Japicx, Fries dichter in de zeventiende eeuw*. Amsterdam 1929:225-230), en dy opfetting liket eins earder op in 20ste-ieske 'persoanlike' dichter te slaan as op in 17de-ieske dichter-fakman. Breuker liket der dêrby fan út te gean dat Gysbert de ferskillende genres winliken yn de folchoarder fan Breuker syn kategoryen beoefene hat. Ik leau net oan sa'n 'rasjonele' folchoarder fan dichtsjen; ik tink earder dat Gysbert ek wol ferskillende 'genres' tagelyk beoefene hat. De parallelly fan datearring en dichterlike ûntjouwing is by Breuker eins tagelyk útgongspunt en konklúzje wurden. Dat is ús earste ferskil fan miening. Boppedat leau ik net oan Breuker syn kategoryen. Dy dogge gjin rjocht oan de alsidigens en it ûnderling ferbân fan Gysbert syn wurk sa't dy ôflaat wurde kinne út de yndieling fan de Rymlerije sels, en se binne temin tocht út de 17de ieske literatuer wei. In yndieling mei respekt foar de opset fan it boek fan 1668 soe ús faaks tichter by in goede karakteris-

tyk fan it wurk bringe kinne. Dat wol net sizze dat it ús wizer meitsje kin oer folchoarder en ûntjouwing fan Gysbert syn dichtwurk. Dat probleem ha ik ynearsten, hoopje ik, in einhinne op losse skroeven set. Op in oar punt kin ik faaks noch al wat bestekliks bybringe. Wa't de *Friesche Tjerne* fan 1640 lêst, sjocht dêr in dichter oan it wurk dy't fan it begjin ôf al hiel goed tús is yn de literêre wurkwize fan syn dagen. Dat is ek net sa'n wonder: hy moat him, sa't Breuker yn syn karlêzing dúdlik makket, foartiid al wakker yn de literatuer fan syn dagen ferdjippe hawwe en der is fan him al in earder fers yn it Nederlânsk bekind ûnder ynfloed fan syn freon, de dichter Petrus Geestdorp. De *Friesche Tjerne* is mei oare wurden net syn literêr debút. Dêrom liket my de hypotese fan in ûntwikkeling fan in minder literêr stadium yn 1640 nei 'echte' literatuer in ferkeard útgongspunt ta. Sjoen it dichterlike 'begjin' mei de *Friesche Tjerne*, de yndieling fan de Rymlerije, de parallellen mei de *Zeeusche Nachtegaal* en mei de emblem fan Jacob Cats bygelyks binne der ek oare mooglikheden dy't earst neier besjoen wurde moatte. It soe moai wêze as frisisten dy't goed tús binne yn de klassike en dêrop folgjende literêre tradysje, har ris fierder ferdjippe woene yn aspekten fan Gysbert syn dichterskip sa't ik dy hjir út 'en rûgens sketst ha. Der is al hiel lang en hiel fertsjinstlik in soad ûndersyk oan Gysbert dien. Mar der leit noch in hiel fjild iepen om hieltyd wer nije aspekten oan Gysbert syn dichterskip bleat te lizzen.

Literatuer

Jacob Cats, *Proteus ofte Minne-beelden*. Verandert in *Sinne-beelden*. Rotterdam 1627.

P.J. Meertens, *Letterkundig leven in Zeeland in de zestiende en de eerste helft der zeventiende eeuw*. Amsterdam 1943.

P.A.F. van Veen, *De soeticheydt des buytenlevens, vergheselschap met de boucken. Het hof-dicht als tak van een georgische literatuur*. Den Haag 1960.

P.E.L. Verkuyl, *Battista Guarini's Il Pastor Fido in de Nederlandse dramatische literatuur*. Assen 1971.

Verscheyden *treffelijke Zeeusche Poëten, Zeeusche Nachtegaal, ende Des selfs dryderley gesang*. Middelbvrgh 1623.

Feitsma fan replyk tsjinne oer Gysbert Japix

Philippus Breuker

Tony Feitsma stelt dat ik neffens de gronology fan it ûntstean 'de ûntjouwing fan Gysbert syn wurk karakterisearre' ha, mar se sjocht oer de holle dat ik it by dy ûntjouwing allinnich oer it Fryske wurk ha en se ferjit ek dat it my by dy karakteristyk dan wer net om it wurk giet, mar om de dichter. Ik ferklearje hoe't it komt dat Gysbert Frysk skriuwt en yn wat foar ramt oft dat Frysk dan begrepen wurde kin.

Lykas bekend wêze mei, bin ik op grûn fan ûndersyk ta de konklúzje kommen dat Gysbert yn de jierren tweintich begongen is mei yn it Nederlânsk te dichtsjen en yn 1639 mei Frysk. Hoewol't Haantjes en ik it oer ferskillende dingen ha (hy tinkt dat Gysbert fan it begjin ôf oan Frysk skreaun hat) en wy it ek oars beredenearje, komme wy foar ien dy't net sa krekt sjocht beide ta de konklúzje dat Gysbert fan folksdichter kultuerdichter wurden is. By my is dy folksdichter lykwols in kultuerdichter dy't oer boerske ûnderwerpen en dus yn boerske trant skriuwt. Dat ik syn ûntjouwing yn it Frysk sa sjoch, wurdt my mooglik trochdat ik de *Friesche Tjerne* en *Sjolle Kreamer* as syn earste Fryske wurk identifisearre ha. Dy beide boerske gearspraken slute nammmentlik oan by it brûken fan it Frysk sa't dat sûnt de Renaissance oant har tiid fan ûntstean ta wenst west hie. Trochdat se dat ferjit, kin Feitsma skriuwe dat ik persoanlik, dat is by har: tweintichste-iesk en dus ûnhistoarysk te wurk gean.

En noch in oar ding op dit punt fan de karakteristyk. Ik skets yn myn rede Gysbert syn ûntjouwing net op basis fan de troch Feitsma oanhelle fjouwer kategoryen, sa't sy skriuwt, mar op basis fan ien dêrfan, de petearen en monologen.

Wat it punt fan de gronologyske yndieling oangiet, dit. Ik neam yn it *Ten geleide* allegearre redenen wêrom't foar in kar út it wurk de yndieling fan 1668 net te brûken is, watfoar yndieling oft men ek makket. Feitsma neamt fan dy redenen allinnich de earste en neamt dy dan mar de belangrykste. Dat jout har gelegenheid om in artikel út 1978 fan har nochris wiidweidich gear te

fetsjen. Wat dat mei de oansnijde problematyk te krijen hat, ûntgiet my, en harsels trouwens ek, want se skriuwt omers dat dy yndieling fan '68 ús net wizer meitsje kin oer folchoarder en ûntjouwing fan Gysbert syn dichtwurk en dêr liket har stik dochs oer te gean.

Oer de wearde fan har beskouwingen oer de folsleine titel fan de *Friesche rymlyre* wol ik it mar net hawwe, al moat ik foar de dúdlikheid fansels wol sizze dat ek neffens my genre in belangryk helpmiddel by de ynterpretaasje fan literatuer is, ek op it wol hiel algemiene nivo dêr't Feitsma it oer hat. Ik folstean mei derop te wizen (Feitsma docht dat net) dat ik oer dy titel yn myn dissertaasje skreaun ha, uteraard mei ferarbeidzjen fan har ideeën dêroer en ek mei de likemin neamde beskouwingen út 1987 fan Marijke Spies oer soortgelikense titels. Allinnich noch dit: it is út Feitsma har stik sels wol dúdlik dat ek sij gjin ienheid yn de beide earste dielen sjocht. Har yndielingskritearium wurket dus net, sels net foar dy dielen sels.

Ta beslút: moat men út Feitsma har swijen datoangeande ôfliede dat se op de troch my presintearre gronology as sadanich neat oars oan te merken hat as dat se my te wis en te absolút fynt? Wa't soks seit, moat oars wol mei arguminten komme.

Hjirmei slút de redaksje dizze diskusje.

Gysbert Japicxpriis foar Willem Tjerkstra

Deputearre Steaten fan Fryslân hawwe de Gysbert Japicxpriis takend oan Willem Tjerkstra út Snits. Dizze wichtichste priis foar Fryske literatuer yn alle sjenres wurdt om de twa jier om bar takend foar proaza en poëzij. De priis bestiet út in jildbedrach fan euro 5000 en in oarkonde. De priis kin takend wurde foar ien wurk, mar ek foar it hiele oeuvre fan in auteur. De priis wurde foar it lêst útrikt yn 2001 oan de dichter Tsjebbe Hettinga foar syn dichtbondel *Fan oer see en fierder*. De priis wurdt yn 2003 takend foar de kategory proaza. De Gysbert Japicxpriis wurdt op tongersdei 13 novimber 2003 útrikt yn it stedhûs fan Boalsert.



Willem Tjerkstra (foto: Frijbûter)

Begjin 2003 is in provinsjale advyskommisje yn it libben roppen mei de taak Deputearre Steaten te advisearjen omtrint de takenning fan'e Gysbert Japicxpriis. Dy kommisje bestiet út de folgjende persoanen: de hear dr E. Hoekstra (Frysk skriuwer en Frisist, ferbûn oan'e Fryske Akademy yn Ljouwert), mefrou drs A. de Jong (Letterkundige, Neerlandika en Frisiste, Universiteit fan Leien) en mefrou dr M. Spies (âld-heellearaar Nederlânske letterkunde en retoarika, Vrije Universiteit Amsterdam).

De advyskommisje advisearre Deputearre Steaten ienriedich om de Gysbert Japicxpriis 2003 ta te kennen oan de hear Willem Tjerkstra foar syn roman *Ridder fan Snits*. *Ridder fan Snits* is in mânske epyske histoaryske roman yn trije parten. Diel 3 is ferskynd yn 2001, de dielen 1 en 2 hat Tjerkstra skreaun yn resp. 1999 en 2000. De kommisje is lykwols fan betinken dat Tjerkstra de priis fertsjinnet foar alle trije de parten.

Ynboekt

Martha Kist

In seleksje út 'e nije oanwinsten fan Tresoar, fan 1 april oant en mei 30 juni 2002

Skiednis

- * **Om des gewetens wille, de geschiedenis van een arrest in oorlogstijd**, H.L.C. Hermans. Leeuwarden/Ljouwert, Friese Pers Boekerij, cop. 2003. 224 p.
- * **Jodenkampen**, Niek van der Oord. 1e dr. Kampen, Kok, 2003. 367 p.
- * **The rise of mental health nursing, a history of psychiatric care in Dutch asylums 1890-1920**, Geertje Boschma. Amsterdam, Amsterdam University Press, cop. 2003. 324 p.
- * **Friezen, Franken, Denen en weer Friezen van Texla tot Masaland** (ca 650 tot ca 1299), Klaas J. Kan. Haarlem. 1999. 61 p.
- * Liudger, Bernlef, Uffing, bibliographie, deel I 1515-1881, Deel II 1882-2001, Klaes Sierksma. Tytsjerk, K. Sierksma, 2001. 22 p.
- * **Voor en achter, het verhaal achter de zee-man**, Willem H. Moojen (red.). Zaltbommel, Europese Bibliotheek, cop. 2002. 240 p.
- * **Deze man is gevaarlijk: Titus Brandsma**, Math Geurts. Dordrecht, Karmel Crabbehof, 1998. 59 p.
- * **Jan de Tippelaar: het levensverhaal van Johannes Markus Belgraver**, Sikke Havinga et al. Kollum, Oudheidkamer 'Mr. Andreae', cop. 2002. 112 p.
- * **Arbeiders, burgers en boeren op het Groninger Hogeland, 1850-1950**: het leefmilieu van de landarbeider, een 'Fundgrube', verzameld 1985-1990, met enkele latere aanvullingen, met uitstapjes naar Noord-Friesland, G.P. Wiersema. Twijzelerheide, G.P. Wiersema, 1997. 4 dl. 1113 p.
- * **Herzog Albrecht der Beherzte (1443-1500)**: ein Sächsischer Fürst im Reich und in Europa, André Thieme. Köln, Böhlau, 2002. XVIII, 302 s.
- * **Tussen Holland en Friesland**: de politieke verhouding tussen de graven van Holland, het gewest Westerlauwers Friesland en Ameland en Terschelling in de late middeleeuwen, Ricardo Eshuis. Herziene uitg. Buren (Ameland), R. Eshuis, 1998. XIV, 145 p.
- * **Bonifatius: zijn leven, zijn invloed**, Auke Jelsma. Zoetermeer, Meinema, cop. 2003. 183 p.
- * **De ontdekking**, Eric Heuvel et al. 1e dr. Haarlem, Big Balloon, 2003. 60 p.
- * **Geschiedenis in Zuidoost-Friesland**, Johan Frieswijk en Meindert Schroor. Drachten, Noord-Nederlands Bureau voor Toerisme, 2001. 7 dl.
- * **Titia: the first Western woman in Japan**, René P. Bersma. Amsterdam, Hotei Publishing, cop. 2002. 141, 24 p.
- * **Tusken Fryske dream en Nederlânske macht: fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij**, Kerst Huisman et al. Ljouwert/Leeuwarden, FNP, 2003. 389 s.
- * **'Dit gebiede ik u, op dat gij malkanderen lief hebt'**: geloof, haat en liefde in een achttiende-eeuwse tolerantiewestie rond een verlichte preek van de Friese dominee G.Th. de Cock (1733-1808), Niels Breukers. Amsterdam. N. Breukers, 2003. 267 p.
- * **Nalezing-2002 op: Sierksma, Kl., Liudger Thiadgrimszoon, Leven en voortleven van een Christus-prediker (742-809)** 1995 Franeker, Klaes Sierksma/Tytsjerk, K. Sierksma, 2002. 14 p.
